

Produktferslach

Afûk

2015

Bûterhoeke 3
8911 DH Ljouwert
Postbus 53
8900 AB Ljouwert
(058) 234 30 70
www.afuk.nl

Ynhâld

	side
Oersjoch meiwurkers	3
1. Algemien	4
1.1. Fisy en missy fan de Afûk	4
1.2. Doelen	4
1.3. Provinsjaal belied	5
2. Taalpromoasje	6
2.1. Meidwaan	6
2.1.1. PraatmarFrysk kampanje	6-13
2.2. Mienskip	13-14
2.3. Meartaligens	15
2.4. Stipepunt	16
2.4.1. GemeentenenFrysk	17-19
2.4.2. EBLT	19
2.4.3. Oersetburo	19-20
2.4.4. Missie Meldkamer	20
2.4.5. Frysk yn it rjochtsferkear	21
2.4.6. Taal yn 'e soarch	21-22
2.4.7. (Takomstige) âlden mei jonge bern: heit&mem	22-25
2.4.8. Alderein: Dat wie doe sa	25-26
3. Taaloerdracht	27
3.1. Kursussen	27-28
3.1.1. Eksamens	29
3.1.2. Untwikkeling en begelieding	30
3.2. It realisearjen fan in trochgeande learline Frysk	30
3.2.1. Pjutton en opfieders	31-34
3.2.2. Foarskoalsk ûnderwiis	34-37
3.2.3. Primêr ûnderwiis	38-39
3.2.4. Fuortset ûnderwiis	39-41
3.2.5. Middelber beropsûnderwiis	41-43
3.2.6. Evaluaasjesysteem Frysk: Grip	44-45
4. Kultueroerdracht	46-47
5. Cultural governance	48

Meiwurkers

Koen Eekma	direkteur	100%
Idske Bangma	projektkoördinator ûnderwiis	66,67%
Wim de Boer	haad ûnderwiis	100%
Lisa Boersma	meiwurker multymedia ûnderwiis	88,89%
Ernst Bruinsma	haad útjouwerij/einredakteur	100%
Tjitske van Dijk	projektmeiwurker ûnderwiis	33,33%
Jan Douwes	projektmeiwurker ûnderwiis	100%
Renske Engbrenghof	meiwurker útjouwerij/winkel	88,89%
Ate Grijpstra	projektkoördinator ûnderwiis	100%
Ida Heddemma	meiwurker útjouwerij	55,56%
Hitty van der Hout	meiwurker winkel	51,39%
Sjoukje Jager	projektmeiwurker	55,56%
Fokke Jagersma	projektkoördinator gemeenten	88,89%
Gjalt Jelsma	projektkoördinator learmiddels	34,72%
Siegbert de Jong	eksamenorganisator/korrektor	73,90%
Lineke Kuiper	projektmeiwurker	100%
Tineke Lemstra	meiwurker finansjele administraasje	66,67%
Dieuwke van der Meer	projektmeiwurker	88,89%
Hermien van der Meer	meiwurker útjouwerij	66,67%
Renske van der Meer	projektmeiwurker	44,44%
Willy van der Meer	projektkoördinator ûnderwiis	66,67%
Sietske Nadema	meiwurker útjouwerij	22,22%
Geke Nijdam	projektmeiwurker	44,44%
Ciska Noordmans	projektmeiwurker	61,11%
Carolien ter Schuur	projektkoördinator ûnderwiis	77,78%
Jikke Sikkema	meiwurker finansjele administraasje	22,22%
Jettina Valk	kursusorganisator	66,67%
Corry van der Vee	sekretaresse	77,78%
Mirjam Vellinga	haad taalpromoasje	88,89%
Tietja Visser	meiwurker finansjele administraasje	66,67%
Rieneke Weidenaar	meiwurker útjouwerij/winkel	55,56%
Gerda van der Wijk	meiwurker útjouwerij/winkel	77,78%
Sito Wijngaarden	projektmeiwurker multymedia	100%

Stazjêres

Femke Hettema
Geke Nijdam
Sietske Zwart

1. ALGEMIEN

1.1. Fisy en missy fan de Afûk

De Afûk wol it Frysk ticht by de minsken bringe. Taal is it meast wêzentlike skaaimerke fan de minske. Mei taal kin in minske syn tinzen en gefoelens ûnder wurden bringe, mei oaren yn kontakt komme en him uterje yn ekspresjefoarmen lykas sjongen, toanielspyljen en skriuwen. Troch de taal is de minske in sosjaal wêzen en in kultuerdrager. Beide aspekten binne fansels ek wichtich as it om de Fryske taal giet: taal as middel foar kommunikaasje en kultueroerdracht.

Taal ticht by de minsken bringe betsjut dan ek dat wy beide aspekten fan de taal brûke wolle. By it learen fan de taal giet it net allinnich om de feardichheden ferstean, lêzen, praten en skriuwen, mar ek om it belibjen fan de taal yn muzyk, toaniel, ferhalen en poëzy. En om it perspektyf noch wat breder te lûken: de ferbining fan de taal yn de sosjale kontekst, it lânskip en de skiednis, as wichtige aspekten fan de Fryske identiteit.

1.2. Doelen

- Wy wolle dat op syn minst in treddepart fan de Fryske befolking yn 2016 yn 'e kunde kommen is mei de sosjale media fan de Afûk.
- Wy wolle yn 2016 op syn minst 90% fan de âlders fan jonge bern berikke mei adekwate foarljochting oer it meartalich grutbringen fan harren bern.
- Wy wolle dat der yn 2016 in folslein oanbod is foar it Frysk yn it VVE, dat troch op syn minst 50% fan de pjutteboartersplakken brûkt wurdt.
- Wy wolle dat yn 2016 fan alle Fryske basisskoallen 90% op syn minst ien oere wyks yn alle groepen oan it Frysk as fak besteget en 50% it Frysk as fiertaal by oare fakken brûkt; fierder wolle wy deroan meiwurkje dat der yn 2016 op syn minst hûndert trijetalige basisskoallen binne.
- Wy wolle dat 80% fan de skoallen foar fuortset ûnderwiis yn 2016 gebrûk makket fan *Freemwurk* en/of *freemwurk.nl* yn it earste learjier, 30% yn it twadde learjier en dat it tal eksamenkandidaten Frysk ferdûbelet; fierder wolle wy dat it Frysk as fiertaal by oare fakken troch 20% fan de skoallen brûkt wurdt.
- Wy wolle dat yn 2016 op syn minst 5.000 folwoeksenen op in aktivearjende manier mei it Frysk yn 'e kunde komme mei help fan it troch de Afûk ûntwikkele oanbod.
- Wy wolle dat der yn 2016 in rynsk oanbod fan Frysktalige boeken en digitale media is dat rûnom yn Fryslân tichtby te krijen is. Wy wolle alle jierren op syn minst fiifentweintich fan dat soarte produkten útjaan.
- Wy wolle dat yn 2016 de plannen foar de taalekspo 'Lân fan Taal' (fierhinne) realisearre binne.
- Wy wolle oant 2016 op syn minst tsien produkten útbringe op it mêd fan de regionale skiednis fan Fryslân.
- Wy wolle dat der yn 2016 in adekwate organisaasjestrutuer is foar de útfiering fan it provinsjaal taalbelied, mei heldere doelen, in dúdlike taakferdieling tusken of yntegraasje fan ynstellingen en in goede monitoaring fan de effekten fan dat belied.

- Wy wolle yn 2016 op grûn fan heldere produktôfspraken in kostedekkende finansiering hawwe fan de aktiviteiten dy't wy útfiere yn it ramt fan it provinsjaal taalbelied.

1.3. Provinsjaal belied

De provinsje Fryslân hat yn de yntegrale nota oer kultuer, taal en ûnderwiis *Grinzen oer* syn ambysjes oant en mei 2016 formulearre. Yn ús produktplan hawwe wy safolle mooglik oansluting socht by dat provinsjaal belied.

Om't de Afûk as organisaasje yn de oanrin nei de beliedsperioade 2016 – 2020 hieltyd mear wurket op basis fan de spearpunten Taalpromoasje, Taaloerdracht en Kultueroerdracht, binne dat ek de haadpunten yn dit jierferslach. De middels dy't wy dêrta brûke binne mei it each op de trije haaddoelen byinoar brocht yn: Stipepunt, Underwiis en Utjouwerij/winkel.

2. TAALPROMOASJE

Doel: It ferbetterjen fan de maatskiplike posysje fan de Fryske taal yn wurd en skrift. It Frysk fierder ûntwikkelje troch de mooglikheden om yn de Fryske taal aktyf oan de mienskip mei te dwaan te fergrutsjen.

Hjir wurde ûndersteande produkten ûnder beflapt:

- PraatmarFrysk
- Kursussen Frysk
- Eksamens
- Untwikkeling en begelieding
- Learmiddels

2.1 Meidwaan

2.1.1. PraatmarFrysk kampanje

Doelen

- Friezen bewust meitsje fan harren eigen taal en identiteit en de mearwearde fan harren meartaligens.
- Drompels weinimme om it Frysk te brûken yn benammen it bedriuwslibben (winkels) en by de oerheden.
- It fergrutsjen fan de (permaninte) sichtberheid fan meartaligens (en/of it Frysk) yn it iepenbiere libben, benammen it bedriuwslibben, hoareka en toerisme, soarch en gemeenten.
- Emansipaasje fan it Frysk en syn brûkers.

Utgongspunten

1. Om in taal te brûken en te ûnderhâlden is it belangryk dat in persoan syn hiele libben lang dy taal op ferskillende plakken en manieren heart en ûnder eagen kriget.
2. De bernejierren en de pubertiid wurde sjoen as de krúsjaale perioade om in positive hâlding en posityf gedrach te ûntwikkeljen foar in minderheidstaal oer en om te bepalen oft de taal brûkt en trochjûn wurdt. Frysk op skoalle is dêrfoar net genôch. De taal moat yn in bredere sosjaal-maatskiplike kontekst op in oansprekkende wize te sjen en te hearren wêze.
3. Dêrfoar is it belangryk dat taalpromoasje him foar in grut part rjochtet op de jongerein en de jongfolwoeksenen, op in wize dy't dy groep oansprekt, mei de media dy't dy groep brûkt en op dy plakken dêr't dy groep te finen is. Ut ûndersyk ûnder jongerein troch de Taalunie docht bliken dat de belangstelling foar taal prikele wurdt as dat op in kreative wize bart. It is wichtich om de foaroprinders yn dy groepen mei te krijen.
4. Om it Frysk op it wurk in plak te jaan is it nedich dat dêr in iepen klimaat foar is op de wurkflier. Yn Fryslân soe it foar elk mooglik wêze moatte om it Frysk op it wurk te

brûken mei kollega's en tsjin klanten. Foar de klanten is it wichtich dat it Frysk ek sichtber makke wurdt en dat der bygelyks yn winkels/praktykromten/kantoaren fan grutte lanlike bedriuwen mei fêstigingen yn Fryslân romte is om dêr ek yn it Frysk te kommunisearjen. Benammen yn it management fan de gruttere bedriuwen/ynstellingen/(semy)oerheden, mar ek by it personiel kin it taalbewustwêzen ('*Hoe sit dat no mei dy taal yn Fryslân?*') noch groeie. Yn it midden-en lytsbedriuw is dat minder driuwend. Dêr sit it mei it taalbewustwêzen oer it generaal wol aardich goed, sa is ús ûnderfining.

5. It brûken fan it Frysk yn 'nije' media en op oare plakken, op in kreative en moderne wize, soarget foar de emansipaasje fan de taal, it wurket statusferheegjend en makket dat der in positive hâlding ûntstiet foar it Frysk oer.
6. It is by in soad minsken, bedriuwen en ynstellingen noch net genôch bekend hokfoar mooglikheden en produkten oft der binne as it giet om it Frysk en de posysje fan de taal yn Fryslân. Dat soe noch mear nei bûten ta brocht wurde en sjen litten wurde moatte.
7. De rol fan de mienskip is wichtich as it giet om it brûken en sichtber meitsjen fan it Frysk. Inisjativen út de mienskip wei wolle wy safolle mooglik stypje. Dochs is it faak sa dat dy inisjativen net samar ûntsteane. Minsken moatte op in idee brocht, ynspirearre en stipe wurde. Dêr sjogge wy foar ússels in belangrike rol yn.

Gearwurkje, ferbiningen lizze en ambassadeurs

Binnen de kampanje steane gearwurkjen en it lizzen fan ferbiningen sintraal. Wy binne altyd op syk nei ynteressante en nuttige partners. Op dit stuit is it sa dat wy foar in soad organisaasjes en bedriuwen in oantreklike partner binne om mei gear te wurkjen. Wy hawwe in grut berik, witte hoe't wy ús doelgroepen oansprekke moatte en bringe in soad ekspertize en entûsjasme mei. Foar ús leit de útdaging der ek yn om just mei dy partijen gear te wurkjen dy't minder foar de hân lizze en dêr't it Frysk noch net in fanselsprekkendheid is, wylst it dat yn ús eagen wol wêze moatte soe.

Wy hawwe de ôfrûne perioade mei tal fan organisaasjes, bedriuwen en partikulieren gearwurke en dy gearwurkingsferbannen ûnderhâlde wy fansels ek. Dêrby giet it om festivals, lykas Aaipop en it Fries Straatfestival, kroegen, poppoadia, Koninklijke Horeca Nederland, GGD Fryslân, Omrop Fryslân, Stichting Doarpswurk, Tryater, Cedin, doarpsshuzen en doarpsbelangen, Beleef Friesland, Stichting Friesland Pop, Kulturele Haadstêd 2018, Donostia/San Sebastian 2016, Dwaande/Noard East Fryslân, Ondernemend Friesland, Friesland Post, Museumfederatie Fryslân, Fries Museum, Natuurmuseum Fryslân, Sportgala, Fryske Reklamepriis, ensafuorthinne.

Fierder hawwe wy besocht om safolle mooglik ferbiningen te lizzen mei projekten en produkten dy't mei troch de Afûk útfierd wurde: kursusorganisaasje (SkriuwmarFrysk, eduFrysk en workshops oer taalbewustwêzen), Heit & Mem (foarljochting meartaligens), Datwiedoesa (Frysk yn 'e soarch), eduFrysk-platfoarm (oanslute mei Rinze de Kikkert, foarljochting oer Frysk yn it ûnderwiis, Blinder of Blunder (de Fryske Beter Spellensite), it beskikber stellen fan kampanjemateriaal oan skoallen en stipe by Fryske projekten), de Fryske Kanon (de taal is in finster yn de Kanon, foarljochting jaan en meihelpe oan gruttere bekendheid fan de Kanon), Boeken fan Fryslân (meihelpe oan gruttere bekendheid fan

Fryske útjeften en it sjen litten fan Fryske poëzy op social media), GemeentenenFrysk (foarljochting oer de kampanje oan gemeenten, mei gemeenten belied meitsje, advys jaan, kampanjemateriaal beskikber stelle).

Algemeene kampanjematerialen

Op dit stuit binne de neikommende materialen beskikber foar de kampanje:

PraatmarFrysk talestikker mei bestelkaart

De talestikker is spesjaal ûntwikkele foar it bedriuwslibben. Op de talestikker stiet it logo fan PraatmarFrysk oan de iene kant en oan de oare kant kin mei losse stikkerkes oanjûn wurde hokker talen oft der ferstien wurde yn it bedriuw. Der kin keazen wurden út njoggen (streek)talen: neist Frysk en Nederlânsk ek it Stedsfrysk, Stellingwerfsk, Biltsk, Dútsk, Ingelsk, Frânsk en Spaansk.

Doelgroep: bedriuwslibben yn Fryslân

PraatmarFrysk boomerangkaarten

De boomerangkaarten binne bedoeld foar partikulieren. Op de kaart is de stikker yn ferskate formaten te finen en efter op de kaart stiet ynformaasje oer it Frysk en it doel fan de stikker. Partikulieren kinne de stickers brûke om oan te jaan dat der by harren thús Frysk praat wurde kin. Dus foar op de brievebus, foardoar, op 'e skoal-/wurktas of hokker plak dan ek mar. De kaarten kinne fia de website besteld wurde en wurde útdield by ferskate eveneminten en lizze by it gemeentehûs, doarpshuzen en oare iepenbiere gelegenheden.

Doelgroep: alle ynwenners fan Fryslân

Buttons

Spesjaal foar persoanel yn 'e gruttere winkels, mar ek foar frijwilligers, meiwurkers fan stichtingen, ynstellingen en organisaasjes en partikulieren wurde der fan it byldmerk buttons makke. De buttons kinne fia de website besteld wurde en wurde útdield by ferskate gelegenheden. Wy witte krekt hokker persoan/ynstânsje oft wat besteld hat en ek wêrom. In motivaasje jaan is ferplichte.

Doelgroep: bedriuwslibben, soarch, plysje en partikulieren

Pins

Lúksere útfiering fan de button (sjoch boppe). De pins wurde allinnich oan fan tefoaren oanjûne doelgroepen fergees beskikber steld, lykas de plysje en de soarch. Wy witte krekt hokker persoan/ynstânsje oft wat besteld hat en ek wêrom. In motivaasje jaan is ferplichte.

Doelgroep: bedriuwslibben, soarch, plysje en partikulieren

Posterkampanje

Der is in rige fan fiif posters makke mei in frisse, eigentiidske útstrieling. Op de posters komt it byldmerk wer werom en it adres fan de website. De posters (A2) kinne fia de website

besteld wurde, troch bygelyks skoallen, doarpshuzen en sportferieningen. Wy witte krekt hokker persoan/ynstânsje oft wat besteld hat en ek wêrom. In motivaasje jaan is ferplichte. In posterkampanje yn de gemeente heart ta de mooglikheden. De gemeente draacht dan lykwols de kosten fan it printsjen en pleatsen fan de posters en de fergunningen.

Doelgroep: alle ynwenners, spesifyk soarch/sûnenssoarch en ûnderwiis

Opblaaslippen

De opblaasbere PraatmarFrysk mûltsjes wurde útdield by eveneminten en kinne ûnder bepaalde betingsten besteld wurde fia de website (ien lippe de bestelling en in motivaasje is ferplichte). Efter op it mûltsje sit in sûchnap. De mûltsjes kinne dus oeral opplakt wurde. Oan de mûltsjes wurdt in fotowedstriid ferbûn. Elkenien wurdt oantrune om it mûltsje op in sa orizjineel mooglike wize en plak op de foto te setten. De foto's krije in plak op de website. De mûltsjes wurde û.o. stjoerd nei bedriuwen, skoallen, partikulieren (foar yn de auto) en gemeenten. Foar elke dielnimmende gemeente wurde 500 lippen reservearre dy't yn it gemeentehûs ophongen wurde kinne, mar ek yn oare iepenbiere gebouwen. Fierder wurde de mûltsjes útdield op eveneminten, as presintsje mejûn en brûkt by aksjes lykas de lippe-útdielaksje yn de winkelstrjitten, yn sikehuzen, by de toskedokters en húsdokters yn Fryslân en gean sa mar troch.

By de lippen hearre in promofolder en in promoposter.

Doelgroep: alle ynwenners

Balybuordsjes

PraatmarFrysk balybuordsjes foar bedriuwen, organisaasjes en oerheden yn ferskate formaten.

Mei ik wol oer-stikker

Wy hawwe in spesjale Fryske 'like'-stikker ûntwikkele: mei ik wol oer. De stikker kin oeral opplakt wurde. Op alles dêr'tst wol oer meist. De stikker is fergees te krijen fia ús website.

Aktiviteiten

Social media

Om de ferdjipping en it omtinken foar lêzen en skriuwen mear hannen en fuotten te jaan op social media wurkje wy mei in fêst skema:

- moandei: wurd fan de wike
- tiisdei: siswize fan de wike
- woansdei: gedicht fan de wike
- tongersdei: frisisme fan de wike
- freed: Frysk op 'e Dyk

Twitterdei

De fjirde Fryske Twitterdei wie wer tige suksesfol. Om 9.30 oere moarns stiene de hashtags #Frysk en #FryskeTwitterdei al tusken de meast besprutsen ûnderwerpen op Twitter! It totaal oantal tweets lei dit jier leger yn ferliking mei 2014, mar it oanpart orizjinele tweets wie in stik heger dit jier: 75%. Ferline jier wie dat 40%.

Minsken wiene tige kreatyf yn harren tweets, mei dichtrigels, wurdgrapkes en aksjes. Ek de kwaliteit fan it Frysk wie opfallend goed.

Dêrneist is de hashtag #Frysk by mear as sân miljoen minsken ûnder eagen kommen. In miljoen mear as ferline jier.

Neist bekende Friezen en BN'ers lykas Jorrit Bergsma, Lieuwe Westra, Lutz Jacobi en John Jorritsma diene der diskear ek wer in protte bedriuwen en ynstellingen mei oan de Fryske Twitterdei, lykas Tresoar, Politie Fryslân, PostNL, Ziggo, SC Heerenveen, restaurants, sportferieningen, korpsen, musea, biblioteken, skoallen en ferskate Fryske oerheden.

Yn neifolging fan de Fryske Twitterdei wie der yn 2015 ek wer ek in Gaelic Twitterdei yn Skotlân. Ien en oar is yn gong set nei in presintaasje dy't wy jûn hawwe op Isle of Skye foar de organisaasje Celtic Neighbours.

Jongereinpanel

Wy hawwe meiwurke oan it ferfolchûndersyk nei jongerein en social media fan Mercator. Dêr hawwe wy ús gegevens en ús netwurk foar beskikber steld. En wy hawwe mei west op ferskillende skoallen mei ûndersykster Lysbeth Jongbloed.

PraatmarFrysk app

De nije funksjes fan de PraatmarFrysk-app binne yn jannewaris 2015 beskikber steld yn in nije app. De Wat Wurd It-app is dêrmei yntegrearre yn de nije PraatmarFrysk app. Alle moannen komme der sa'n 100-150 nije suggestjes yn om ta te heakjen oan de database fan it wurdboek. Dêrneist is der sjoen nei it yntegrearjen fan it spultsje 'Blinder of Blunder' yn de app. Dat sil yn 2016 syn beslach krije.

WhatsApp

Sûnt augustus 2014 is PraatmarFrysk ek te berikken fia WhatsApp. Alle wiken komme dêr fragen yn oer de kampanje en it Frysk en wurde der tips oan ús jûn foar Frysk op 'e Dyk of wurde der foto's stjoerd.

Instagram

Om de minsken in blik efter de skermen fan PraatmarFrysk te jaan sitte wy sûnt 2015 ek op Instagram. Wy hawwe no 233 folgers.

1-minút programma's Omrop Fryslân

Yn it neijier fan 2015 (12 okt.-10 nov.) binne der fiifentweintich filmkes makke yn gearwurking mei Omrop Fryslân, diskear oer Frjemde Fryske Wurden. Filmmakker Herman Zeilstra gie bedriuwen en minsken bydel mei in spesjale fraach. De filmkes wiene alle dagen op de Omrop te besjen (de earste wike as ûnderdiel fan Bynt), binne beskikber op ús YouTube-kanaal en ferspraat fia ús social media-kanalen.

PraatmarFrysk kroechkwis

6 nov. Herberch fan Nijlân, tal teams 8, dielnimmers 50 + likefolle omsittend laach
11 des. De Krúswei, Damwâld, tal teams 12, dielnimmers 80 + likefolle omsittend laach

Presintaasje: Douwe Gerlof Heeringa, prizesponsoring troch de kroegen sels, Weidenaar woarst, Sonnema en Van der Eems drukkerij.

Poëzij-aksje yn Rie

Wy tochten dat it wolris leuk wêze soe om in kompleet doarp te ferrassen mei in moai Frysk leafdesgedicht. Dat wy skreaune, mei de hân, anonym en foar elk adres, om presys te wêzen 215 Fryske leafdesgedichten. Foar elk hûs yn Rie ien leafdesgedicht. Yn it ramt fan de Nationale Poëzieweek en Falentyn.

Nij: 'Moai plak om te tútsjen'-stikker

Dizze stikker is spesjaal foar Falentyn makke, mar is ek bedoeld om de meast romantyske en moaiste lokaasjes yn Fryslân oan te tsjuten. De stickers jouwe ek noch ljocht yn it tsjuster.

Nij: Fryske digitale jierdeikaarten

Om te ferstjoeren by dyn Facebook-jierdeiberjochten of by oare social media-kanalen. Der binne yn totaal 18 makke.

Organisaasje en promoasje Lyts en Grut Frysk Diktee

PraatmarFrysk die dit jier mei oan de organisaasje en promoasje fan it Grut Frysk Diktee, dat dit jier ek wer útstjoerd waard op Omrop Fryslân TV.

Bedriuwfilmkes

Der is in tal bedriuwfilmkes makke by ûnder oare Hijlke Groen fan ZuidOostZorg oer de Fryske demintsyttest en Noflik yn Snits. Dêrneist is der in kombinaasje makke mei PraatmarFrysk-tv, wat him foar in grut part ek yn ferskate Fryske bedriuwen ôfspile.

Dêrneist hawwe wy in Fryske ferzje fan 'Praat Nederlands met me' - Praat mar Frysk mei my, makke, mei Jelle B. en Rimke (fan Boer zoekt Vrouw). Dy fersy hat ferskate kearen de lanlike blêden helle en is mear as 80.000 kear besjoen.

Bynt

Ien kear yn 'e moanne wurdt der spesjaal omtinken jûn oan de Fryske taal yn Bynt. Wy hawwe Anna Marije Bloem frege om dat item foar ús te presintearjen. Tegearre mei Bynt dogge wy de redaksje.

Taalpraatsje Muzyk yn Bedriuw

Alle wiken fersoargje wy op tongersdeitemoarn in taalpraatsje yn it programma Muzyk yn Bedriuw. It praatsje giet oer ús aktiviteiten, saken dy't wy tsjinkomme op social media, taalûndersiken, nije produkten ensfh.

LearmarFrysk.nl - Blinder of Blunder

De "Beter Spellen"-site fan Fryslân, mei alle wiken 2x in nije opjefte.

It tal abonnees is sa'n 700.

Tal besikers website: goed 55.000

Fryske Google Translate wike

Wy hawwe yn 'e mande mei de provinsje Fryslân de Fryske Google Translate Wike organisearre en mei harren de bekendheid en publisiteit fersoarge. Wy hawwe ek in spesjaal ynstruksjefilmke makke. De wike wie tige slagge, mei in hiel soad oersettingen en publisiteit.

Gearwurking Taal yn 'e soarch

Yn 'e mande mei it projekt Taal yn 'e soarch/Heit&Mem hawwe wy in PraatmarFrysk aksje organisearre yn sikehûs Nij Smellinghe yn Drachten, ien en oar yn kombinaasje mei de presintaasje fan it Heit&Mem-echofotolistke mei taaltips en de nije website fan Heit&Mem. It grutste part fan it personeel wie tige entûsjast en der wurdt geregeld materiaal bybesteld.

Stimmebank

De stimmebank wurdt geregeld rieplachte en ynset by it ynsprekken fan benammen apps en reklames.

LinkedIn

Yn 2015 hat ús stazjêre Femke Hettema ferskate petearen hân mei Fryske bedriuwen oer PraatmarFrysk en LinkedIn. Sy hat in strategy skreaun dêr't wy mei wurkje en eksperimintearje sille.

Tal leden LinkedIn-groep: 216 (wie 179)

Sichtberens fan it Frysk

Frysk op 'e Dyk

Sels mei sichtberens is it sa dat it soms sa fanselssprekkend is datst it net iens mear sjochst. Dat jildt ek foar it Frysk yn Fryslân. Om dat wat al sichtber is foar it fuotljocht te heljen wolle wy safolle mooglik 'Frysk op 'e Dyk' sammelje en sjen litte. Dat dogge wy sels, mar wy roppe ek de mienskip op om ús dêrby te helpen. De foto's dy't makke wurde fan de Fryske nammen en uteringen (sawol fan partikulieren, oerheden as bedriuwen) sette wy wer op ús social media-kanalen en op in spesjale Tumblr-site (in kreative blochpagina).

Yn septimber 2013 is de Tumblr-site ûntwikkele en de aksje Frysk op 'e Dyk úteinset. Ein 2015 siet it totaal op sa'n 680 foto's. Der binne sa'n 250 bykommen dit jier en dat hâldt yn dat der dus alle wiken 4 à 5 foto's ynkomme.

Aksje mei de Typesetters

Yn Wergea hawwe wy by it stek fan de tsjerke de tekst 'Hea wat Tûk' mei hea en tûken delset. En yn 'e bosk is it wurd 'Leaf' skreaun mei hjerstblêden.

Oersjoch sifers website en social media

Website

Yn totaal 2007-2015:

954.030 pageviews

310.230 unike besiken

Tiid op site: 2.07 minuten
70% nije besiken en 30% weromkommend

Doelgroep: elkenien

Twitter

Ein 2015 hiene wy 10.388 folgers.

Doelgroep: twitterders

Facebook

PraatmarFrysk hat ek in Facebook-pagina. Ein 2015 hiene wy 15.378 freonen.

YouTube

Yn 2015 hie ús YouTube-kanaal 111.538 views en 115.024 sjochminuten. Beide kearen sa'n 70.000 mear as ferline jier! Dus alle moannen waard ús kanaal 9.295 kear besocht en waard der trochinoar 160 oeren yn 'e moanne nei ús filmkes sjoen.

2.2. Mienskip

Doel: It fergrutsjen fan it publyk foar it fysike kulturele erfgoed

- Fryske Kanon

De Afûk is sûnt ein 2010 ferantwurdlik foar de ymplemintaasje fan de Fryske Kanon. Yn dy funksje hawwe wy de ôfrûne fjouwer jier in tal produkten ûntwikkele en inisjativen opset dy't de Fryske Kanon in plak jaan moatte yn it ûnderwiis (boppebou basisûnderwiis en ûnderbou fuortset ûnderwiis) en in gruttere bekendheid foar in breder publyk.

Om't de Fryske Kanon gjin ferplichte ûnderdiel is fan it ûnderwiis yn Fryslân, binne wy benammen dwaande mei it betinken en ûntwikkeljen fan produkten dy't nau oanslute by de besteande metoaden en kearn- en leardoelen en dy't nijsgjirrich, ynteraktyf en aardich binne om te dwaan. Fiertalen binne Frysk en Nederlânsk. Dêr hawwe wy direkt kontakt oer mei it ûnderwiisfjild, wy sykje ferbiningen mei besteande inisjativen, bringe partijen byinoar en bringe de Kanon ûnder yn projekten dêr't dat in mearwearde hat of tige foar de hân leit. In foarbyld dêrfan is it projekt Cultureel ZwErfgoed, dêr't de Fryske Kanon in sintraal plak yn krigen hat.

Wy wurkje mei in soad partijen gear. De wichtichste binne: Tresoar, Omrop Fryslân, Cedin en it ûnderwiisfjild (ûnder oare de learare-opliedingen oan de NHL en Stenden, mar ek de learkrêften en dosinten yn it basis- en fuortset ûnderwiis) en fansels de musea en erfgoedorganisaasjes yn Fryslân.

It ôfrûne jier hawwe wy de aktiviteiten dy't inisjearre binne yn 2014 fuortsetten foar it skoaljier 2014-2015. De klam lei dêrby benammen op it fierder ymplemintearjen fan de opdrachtkaarten yn it eduFrysk-platfoarm foar sawol it fuortset ûnderwiis (Searje 36) en it basisûnderwiis (pilot). De measte opdrachtkaarten binne ûnderwilens folslein of yn konsept beskikber op eduFrysk.

Searje 36 befettet lessen op vmbo-TL/havo/vwo-nivo en is opdield yn seis tema's. De ynhâld fan de digitale skiednislessen komt allegear streekrjocht út it lesmateriaal dat de ôfrûne

jierren yn it ramt fan de Kanon fan de skiednis fan Fryslân makke is. Sa wurde de YouTube-finsterfilmkes fan 11&30 brûkt, mar ek digitalisearre teksten en plaatsjes út it boek *Gewoan gek op skiednis* en út de reguliere Kanonboeken. Fierders wurde sa no en dan ferskes fan de Kanon-cd brûkt en wurde de opdrachtkaarten ynset, dy't dit jier en takom jier yn fazen digitalisearre binne en wurde.

De finsters dy't oant no ta yn Searje 36 oan bar west hawwe, binne:

- De Ofslútdyk
- Joast Hiddes Halbertsma
- Grutte Pier
- De ko
- It Frysk
- Mata Hari

Om't it yn it jier 2015 presys fiifhûndert jier lyn is dat Grutte Pier de wapens opnaam, hawwe der dit jier aktiviteiten west yn ferbân mei projekten om de legindaryske Fryske frijheidsstrider hinne. Ut de Kanon fan de Fryske skiednis wei is meiwurking ferliend oan:

- it útkommen fan de game oer Grutte Pier;
- it lêsbefoarderingsprojekt *Lês No: Krús fan de Hollanner*, dêr't 12 skoallen en 1.895 learlingen oan meidiene. Neist boek en game befette it lespakket fansels it nedige ferwurkingsmateriaal, dat troch de Afûk ek digitaal beskikber makke is yn it learplatfoarm eduFrysk. Op it sjen litten fan it opdrachtboekje krigen de learlingen fergees tagong ta it Fries Museum, dêr't se it swurd fan Grutte Pier yn it echt besjen koene;
- it iepenloftspektakel *Grutte Pier: De Brân* (promoasje op ús websiden + social media + meitinke oer ferfolchtrajekt op skoallen).

Fierder is it stripboek *De aventoeren fan Oebele en Abele* ferskynd dat oer de Fryske frijheid giet. It stripboek is yn it Frysk en yn it Nederlânsk útkommen en is skreaun en tekene troch Aart Cornelissen. It stripboek is oanbean oan âld-keatser Chris Wassenaar op 25 april op in keatskamp foar bern yn Stiens, organisearre troch Stichting Score. It stripboek hat rûnom media-oandacht krigen op Omrop Fryslân en yn de Leeuwarder Courant. Der wie ek spesjaal omtinken foar it boek op de stripmanifestaasje yn Drachten, kombinearre mei in kleurwedstriid.

2015 wie ek it Marijke Meu-jier. Dêr hawwe wy ek rom omtinken oan jûn en wy hawwe meiwurke oan lesmateriaal by de skoalfoarstelling oer Marijke Meu, oan it meitsjen fan in spesjale nijsbrief en it digitaal beskikber stellen fan lesbrieven.

It wie yn 2015 ek santich jier lyn dat Nederlân befrijd waard fan de besetting troch de Dútsers. Om dêr omtinken oan te jaan binne de opdrachtkaarten oer de molkestaking digitalisearre en is der in spesjale nijsbrief ferstjoerd mei ynformaasje oer de dokumintêrerige *Wat de oarloch mei ús die fan Omrop Fryslân* en de byhearrende website www.fryslan4045.nl.

Yn septimber wie der noch spesjaal omtinken foar de lansearring fan Fryske Sport yn dyn Klasse, mei omtinken foar Fryske sporten en sporthelden yn de nijsbrief.

Der binne yn 2015 fiif reguliere nijsbrieven ferstjoerd nei 765 adressen (benammen skoallen, musea en erfgoedorganisaasjes).

2.3. Meartaligens

Doel: It fuortsterkjen fan de posysje fan it Frysk op Europeesk nivo

Lân fan Taal

It projektplan Lân fan Taal is yn 2015 ynbrocht by de koälysjeûnderhannelingen fan it nije provinsjale bestjoer en honorearre troch it nije kolleezje.

Mei Lân fan Taal wolle wy besikers fan Kulturele Haadstêd 2018 op in ynnovative en ferrassende wize bewust meitsje fan de rol fan taal yn it yndividuele en kollektive bestean. Lân fan Taal wurdt gjin museum foar behâld en beskriuwing fan de histoarje, mar in poadium dêr't taal ta libben komt en de besiker sels ûnderfynt wat taal foar him of har betsjut en ûntdekt wat de taal seit oer syn/har identiteit. Lân fan Taal wurdt ek in poadium en platfoarm foar it programmearjen fan artistike manifestaasjes, edukative aktiviteiten, kulturele eveneminten en debatten oer ûnderwerpen dy't oan taal relatearre binne (sjoch fierder it 'Projektplan Lân fan Taal').

Yn 2015 hawwe wy mei ferskillende minsken en partijen fierder wurke oan it fierder ûntwikkeljen fan it plan. Siart Smit is as projektlieder oansteld foar Lân fan Taal.

Tosta

Yn septimber 2015 binne de tariedingen úteinset foar it ynternasjonale útwikselingsprojekt Tosta. Yn dat projekt wurkje sân organisaasjes út sân minderheidstaleregio's mei-inoar gear. It giet dêrby om: Baskelân, Galisië, Cornwall, Ierlân, Wales, Skotlân en Fryslân. Tosta is in inisjatyf fan Donostia/San Sebastian 2016. Foar Fryslân is de Afûk de organisearjende partij. Der sil yn maart/april 2016 in Ierske keunstner nei Fryslân ta komme en yn septimber 2016 sil in Tosta-festival fan mear as ien dei Fryslân oandwaan.

Neist dy koördinearjende taken sil de Afûk de publisiteit/kommunikaasje fan it projekt dwaan. Yn 2015 hat de Afûk in publisiteitsplan skreaun en de website bouwe litten. Dêrneist is der in oprop foar in artist in residency foar in Fryske keunstner dien. De útslach dêrfan is yn jannewaris bekend makke.

Doel: It ferbreedzjen fan it provinsjale streektaalbelied

Aksjes:

- It beskikber stellen fan eduFrysk foar streektalen

De provinsje wol it streektaalbelied ferbreedzje en diel útmeitsje litte fan de streekaginda's. De ekspertize dy't de Afûk opdien hat mei eduFrysk wolle wy graach beskikber stelle foar streektalen yn Fryslân.

Yn de twadde helte fan 2014 is der mei Stichting Ons Bildt gearwurke. Der is in database foar eduBildts klearset, mei in eigen interfacetaal. Der binne trije workshops foar trije materiaalmakers holden om te wurkjen mei de ynfierkant fan eduBildts. De gearwurking rûn troch yn 2015.

Yn 2015 wiene der ek petearen oer gearwurking mei it Hylpersk.

2.4. Stipepunt

Doel: De formele posysje fan it Frysk yn ferskate maatskiplike domeinen lykas it iepenbier bestjoer, de rjochtspraak, it ûnderwiis, de kultuer en de media fersterkje.

De taken fan it Stipepunt binne sûnt 1994 ûnderbrocht by de Afûk. It Stipepunt komt fuort út de oanbefellingen fan de 'Ramtnota taalbelied' fan de provinsje. Fan it begjin ôf hat it Stipepunt him rjochte op:

1. Foarljochting en promoasje
2. Ynformaasjeoarsjenning en dokumintaasje
3. Advisearring en begelieding
4. Promoasje bedriuwskursussen Fryske taal
5. Oersetfunksje
6. Projekten

It Stipepunt wie ynearsten noch in min of mear op himsels steand ûnderdiel fan de Afûk. Troch de jierren hinne binne de ferskate bedriuwûnderdielen hieltyd mear opinoar ôfstimd en is de Afûk as organisaasje yn syn gehiel mear it stipepunt foar de Fryske taal wurden. Dêrby binne ek de oarspronklike taken op it mêd fan kursussen en útjouwerij hieltyd mear yn dy fan it Stipepunt yntegrearre. Dat jildt bygelyks foar de bedriuwskursussen Frysk en it ûntwikkeljen en útjaan fan learmiddels foar it ûnderwiis. It Stipepunt hat by tal fan gearwurkingsprojekten de rol fan koördinator krigen, lykas by Tomke, GemeentenenFrysk, Frysk yn 'e soarch, Frysk yn it rjochtsferkear, HEIT&MEM, Frysk yn 'e reklame, Frysk en toerisme, Frysk yn 'e musea, de Fryske Kanon en de algemiene promoasjekampanje PraatmarFrysk. Dy rol past by it Stipepunt en wurdt troch de gearwurkingspartners ek akseptearre. De Afûk as gehiel hat him dêrneffens ek fierder ûntwikkele ta in fleksibele projektorganisaasje, dy't útfiering jout oan it provinsjale taalbelied, mar sels ek wach is op nije kânsen yn it fjild en dêr op in iepen en konstruktive wize mei de provinsje oer kommunisearret.

It Stipepunt moat in wichtige tsjinhinger fan Dingtiid/Orgaan foar de Fryske taal foarmje. It Stipepunt kin it taalbelied fan (ûnderdielen fan) de oerheid en de rjochterlike macht op grûn fan de oanrekommandaasjes fan Dingtiid/Orgaan foar de Fryske taal útwurkje, sadanich dat ien en oar oan 'e iene kant mei de Wet gebrûk Fryske taal strykt en oan 'e oare kant mei it Europeesk Hânfêst foar regionale talen of talen fan minderheden. De oare aktiviteiten fan it Stipepunt, foarsafier't dy in relaasje hawwe mei de Wet gebrûk Fryske taal, moatte ek ôfstimd wurde mei Dingtiid/Orgaan foar de Fryske taal. De befiningen fan dat orgaan bepale (mei) de aktiviteiten fan it Stipepunt.

De aktiviteiten dy't wy yn 2015 rjochting oerheden útfierd hawwe, binne beskreaun by Frysk en gemeenten. By Frysk yn 'e soarch binne de aktiviteiten rjochting soarchynstellingen beskreaun en by de PraatmarFrysk kampanje dyselden rjochting it bedriuwslibben. Hjernei folget in oersjoch fan it Frysk yn it rjochtsferkear.

2.4.1. Stipepunt: GemeentenenFrysk

Mei GemeentenenFrysk wolle wy ynhâldlike stipe jaan oan it ûntwikkeljen en útfieren fan taalbelied en taalbeliedsplannen. Meastentiids dogge wy dat oan 'e hân fan it menusysteem, dat in goede ferlikingsbasis biedt foar oerlis mei gemeenten. Dêrby geane wy út fan de mienskip yn in meartalige omjouwing.

Wat ek in soad beweging meibringt is fansels de nije taalwet, dy't op 1 jannewaris 2014 yngien is. Wy wolle ús benammen dwaande hâlde mei de algemiene stipe oan gemeenten, mei spesifike stipe oangeande de weryndielingen en in krêftige ympuls jaan oan it taalbelied yn Fryslân.

Wurksumheden:

- *byhâlden argyf gemeenten*
- *ôfhanneljen telefoanyske en skriftlike fragen gemeenten*
- *kontakten Provinsjehûs*
- *wurkbesiten regelje en tariede*
- *wurkbesiten bringe*
- *neisoarch wurkbesiten*
- *beânderjen algemiene fragen oer provinsjaal en/of gemeentlik belied*
- *organisearjen fan stúdzjemiddeis*
- *opsetten/inisjearjen/útfieren fan nije projekten (lykas PraatmarFrysk)*

Yn 2015 binne wurkbesites ôflein en hat der op oare wizen kontakt (persoanlik, telefoanysk of fia e-mail) west mei de folgjende gemeenten: *Achtkarspelen, It Bilt, Dantumadiel, Dongeradiel, Eaststellingwerf, Ferwerderadiel, De Fryske Marren, Frjentsjerteradiel, Hearrenfean, Ljouwert, Menameradiel, Opsterlân en Smellingerlân.*

Struktureel kontakt mei gemeenten is fan belang om in aktueel byld te krijen fan de stân fan saken yn de gemeenten. Troch sa'n aktueel byld kin der adekwaat reagearre wurde op saken dy't omtinken freegje. Dat kinne beliedsoanpassingen en útfieringssaken wêze, nije taalbeliedsnota's, mar it kin ek te krijen hawwe mei gruttere tema's, lykas hjirnei beskreaun wurdt.

Website

Op www.gemeentenenfrysk.nl stiet ynformaasje oangeande taalbelied foar gemeenten. De website is dûbeltalich, sadat bestjoerders en amtners dy't it Frysk net goed yn 'e macht hawwe harren ek ferdjipje kinne yn de mooglikheden foar taalbelied yn harren gemeente. De site wurdt benammen brûkt by it skriuwen fan in nije taalnota.

Yn 2015 hie www.gemeentenenfrysk.nl sa'n 2.012 (+77,90%) besikers, dêrfan 1.590 (+84,88%) unike besikers. De trochsnee besite oan de website duorre 2.21 min. (-13,56%)

Twitter

Mei help fan Twitter kin GemeentenenFrysk minsken flot ynformearje oer nije produkten foar gemeenten op it mêd fan taalbelied, mar ek oer de nijste ûntwikkelingen by oare gemeenten op it mêd fan taalbelied. Op 31 desimber 2015 hie [@gemeentenenfrysk](https://twitter.com/gemeentenenfrysk) 565 (+29,59%) folgers.

Nijsbrief

Ein 2015 is de digitale nijsbrief fan *Gemeentenen Frysk* wer nij libben ynroppen. Yn totaal giet it om sa'n 137 nijsbriefabonnees. De nijsbrief soarget foar in grut en direkt berik, mar ek foar de mooglikheid om krekt wat mear ynformaasje te bieden as fia Twitter.

Amtlike oerlizen

Yn 2015 is úteinset mei in struktureel oerlis mei beliedsamtners fan de ferskate gemeenten. De earste twa sessys binne posityf wurdearre en hawwe soarge foar mear kontakt en oerlis tusken beliedsamtners Frysk. Dêrby soargje de sessys foar de mooglikheid om ynformaasje te sammeljen/presintearjen, mar ek om mei-inoar in tal saken op te pakken. Twa konkrete foarbylden binne bygelyks de Taalbeliedsmakker en de modelferoarding. Njonken de beliedsamtners fan de gemeenten wurde ek amtners fan Ynlânske Saken en de provinsje útnûge en de fertsjintwurdigers fan Dingtiid.

Taalbeliedsmakker

De ynfiering fan de Wet gebrûk Fryske taal set in soad gemeenten yn beweging. Hast alle gemeenten wurkje oan in nije beliedsnota en dat jout de mooglikheid om te soargjen foar mear ôfstimming tusken de ferskillende gemeenten. Mei op fersyk fan de beliedsamtners is dêrom de Taalbeliedsmakker realisearre.

De Taalbeliedsmakker is in systeem dat oan de hân fan fragen en antwurden in konseptbeliedsplan ûntwikkelet. De basis foar it systeem leit yn it bekende menusysteem dat basearre is op it Europeesk Hânfêst foar regionale talen of talen fan minderheden (yn wurking yn Nederlân sûnt 1998). De fragen binne ûnderferdielt yn seis tema's: bestjoer, ûnderwiis, soarch, kultuer, media en bedriuwslibben, rekreaasje en toerisme. De fragen geane oer wetlike taken, mar ek oer oanfollingen op ferplichtingen, lykas Frysk/meartaligens yn de WMO en de trochgeande learline.

De fragen, antwurden en de formulearring fan de dêrby hearrende beliedsteksten binne ynearsten skreaun troch de Afûk, mar dêrnei beoardiele en oanpast troch meiwurkers fan de provinsje en de gemeenten Dongeradiel, Littenseradiel en Opsterlân.

Model taalferoarding

Ynlânske Saken ferget fan gemeenten op basis fan de wet in nije/aktuele taalnota, mar ek in nije taalferoarding. Ek dêrby is it goed om mei-inoar te wurkjen oan in modelferoarding. Ynearsten waard in model fan Ynlânske Saken tasein. Doe't dat útbleau, hawwe de beliedsamtners yn in mienskiplike sessy oanjûn dat mei-inoar op te pakken. By it model moast wol romte wêze foar differinsjaasje. It ferskil tusken de winsken fan Littenseradiel en Harns wie bygelyks hiel grut. Op basis fan stikken fan Ynlânske Saken, Dingtiid, de provinsje Fryslân en de gemeente Tytsjerksteradiel binne fragen, antwurden en suggestjes foar de feroarding taheakke oan de Taalbeliedsmakker. As dy beoardiele binne troch in tal juristen fan ferskate gemeenten, kin ek de taalferoarding skreaun wurde mei help fan de Taalbeliedsmakker.

Akten boargersaken

It modelleboek fan de Nederlandse Vereniging voor Burgerzaken dat brûkt wurdt troch alle ôfdielingen boargersaken fan gemeenten yn Nederlân is foar it grutste part Nederlânsktalich. Guon modellen binne Frysktalich en guon modellen binne yn de iene gemeente wol yn it

Frysk beskikber en yn oare gemeenten net. Dat hinget ôf fan de software dy't gemeenten brûke, mar guon gemeenten hawwe ek op eigen manneboet modellen oerset en net dield. It risiko bestiet dat der ferskillende ferzjes fan ien akte brûkt wurde. Dúdlik mei ek wêze dat in Frysktalige akte net altiten mooglik is. Yn 'e mande mei de NVVB wurdt wurke oan in oersetting fan it folsleine modelleboek. Dy oersetting sil yn 2016 ymplementearre wurde yn de pakketten fan de trije partijen dy't digitale systemen oanbiede oan gemeenten. Op dy wize soargje wy dêrfoar dat by alle Fryske gemeenten Frysktalige akten te brûken binne en dat de modellen dy't dêrûnder lizze gelyk binne.

DDFK

Alhoewol't der gjin definityf beslút leit dat Dantumadiel, Dongeradiel, Ferwerderadiel en Kollumerlân weryndiele sille, wurdt der wol mei-inoar wurke oan in nije taalbeliedsnota. Oan de basis fan de petearen stiet de Taalbeliedsmakker en út de Afûk wei wurdt it projekt begelaat.

Presintaasje Menameradiel

Op útnûging fan de griffier is in presintaasje fersoarge foar de gemeenterie en it kolleezje fan Menameradiel. Mei de provinsje Fryslân en Dingtiid waarden de Wet gebrûk Fryske taal útlein en de konsekwinsjes dêrfan, mar fansels waard der ek nei de mooglikheden sjoen om op in positive wize in passend belied stal te jaan yn de gemeente.

Konsultaasjeburo's

Yn de gemeenten Súdwest-Fryslân en Littenseradiel wurdt op de konsultaasjeburo's omtinken jûn oan meartalich grutbringen. Dat bart yn it projekt 'Overdracht thuistaal' dat opset is mei help fan it Sintrum Frysktalige Berne-opfang (SFBO) en de Afûk. Der wurdt mei ferskate gemeenten sjoen nei mooglikheden om it oanbod dat ûntwikkele is oer te nimmen.

2.4.2. EBLT

It Europeesk Buro foar Lytse Talen (EBLT) soarget foar de promoasje en beskerming fan it Frysk en it Nedersaksysk yn de Europeeske Uny (EU), de Ried fan Europa, harren ynstellingen en yn Nederlân. Dêrfoar wurdt wetlike en politike stipe socht op Europeesk en nasjonaal nivo. It EBLT bestiet út fertsjintwurdigers fan 21 organisaasjes (dêrûnder de Afûk) dy't harren ynsette foar de posysje fan it Frysk en it Nedersaksysk. Dat binne twa fan de (streek)talen wêrby't Nederlân ferplichtingen hat foar de ynternasjonale mienskip oer, nei it yngean yn 1998 fan it Europeesk Hânfêst foar regionale of talen fan minderheden fan de Ried fan Europa. Sûnt 2014 hat de Afûk sit yn it deistich bestjoer fan it EBLT. Ek yn 2015 hawwe ferskate ûnderwerpen oan de oarder west. Oppakt binne de position paper, it rapport 7 *perspectives* oangeande de posysje fan it Biltsk en de ynternasjonale dei fan de talen, dêr't de Baskyske film *Amama* presintearre waard. In folslein ferslach fan de aktiviteiten komt fansels oan de oarder by de ferantwurding fan de aktiviteiten fan it EBLT.

2.4.3. Oersetburo

Doel: it ferlienen fan oersetstipe oan oerheden, bedriuwen, ynstellingen en partikulieren.

Resultaten: oersettingen op oanfraach.

Tal dielnimmers: wurde mei de ynkkomsten ferantwurde yn it finansjeel ferslach.

Yn 2015 is der wer in soad gebrûk makke fan it oersettoanbod. Yn it finansjeel ferslach steane de krekte resultaten. Hjirûnder wurde in pear projekten apart set.

Rou-, trou- en berteteksten

Der wurdt troch partikulieren en ek troch ûndernimmers in soad gebrûk makke fan help by it oersetten fan rou-, trou- en berteteksten. Der steane ek foarbylden op de websites fan de Afûk en Heit&Mem.

Arriva

Oanbieder fan iepenbier ferfier Arriva hat yn 2014 in hiele slach makke mei syn Fryske imago. Yn 'e mande mei PraatmarFrysk hawwe sy de taal sichtber makke yn de bus, mar ek de folsleine website wurdt no yn it Frysk oanbean. Ek yn 2015 binne tal fan oersettingen levere.

Fries Museum

Yn it nije Fries Museum hat it Frysk in sichtber plak. Foar ferskate eksposysjes binne Fryske oersettingen makke.

Veldgids

De meast opfallende en algemiene fûgels, planten, flinters en poddestuollen binne wiidweidich beskreaun yn in app. De oersetting fan de *Veldgids* is yn 2014 oanlevere en fan 2015 ôf sille brûkers njonken de Nederlânske nammen ek de Fryske nammen fine kinne.

SKS

Foar de organisaasje fan it SKS-skûtsjesilen is in part fan de website yn it Frysk oersetten.

Popfabryk

Foar it produksjehûs foar popkultuer yn Fryslân *de Popfabryk* is yn 2015 de nijsbrief yn it Frysk oersetten.

2.4.4. Missie Meldkamer

Sinralisten fan de Meldkamer Noord-Nederland mei in dúdlik protokol mei foar it grutste part sletten fragen. Dochs wol it wolris foarkomme dat minsken net allinne antwurd jouwe op de stelde fragen, mar earst harren eigen ferhaal fertelle wolle. Faak bart dat út emoasje en wurdt de memmetaal brûkt. By de Meldkamer Noord-Nederland giet it dan meastentiids om it Drintsk, it Frysk en it Grinslânsk. De earste wurden fan de persoan dy't skillet jouwe al in soad ynformaasje. Dêrnjonken is it fan belang om de minsken fan it begjin ôf gerêst te stellen, sadat it protokol better trochrûn wurde kin. Dêrby is it fan belang dat de sinralist de minsken ferstiet en begrypt. Passive behearsking fan it Drintsk, Frysk en Grinslânsk is dan ek wichtich. De Afûk hat yn 'e mande mei it Bureau Groninger Taal en Cultuur, Huus van de Taal en de Meldkamer Noord-Nederland in digitaal spul ûntwikkele wêrby't sinralisten de passive taalfeardigens fan de trije talen trene. Sa wurde sy harren mear bewust fan de rol fan de taal yn harren deistich wurk. De game Missie Meldkamer is ein 2015 oplevere.

2.4.5. Frysk yn it rjochtsferkear

Mei it yngean fan de Wet gebrûk Fryske taal op 1 jannewaris 2014 wie it fan belang dat der mear beëdige tolken Frysk komme soene. Op dat stuit wie der mar ien, nammentlik Fedde Dijkstra. Yn oerlis mei ûnder oare mr. Gina Kamsma, Pieter Duijff, Babs Gezelle Meerburg en Pytsje van der Sluis binne ferskate saken ûndersocht, lykas de folgjende: binne minsken lykas Babs Gezelle Meerburg en Pieter Duijff (dy't earder beëdige wiene) noch altyd beskikber en is it realistysk om harren yn te skriuwen by Bureau BTV. Om't net alhiel dúdlik wie wat de easken wiene oangeande it Frysk, hat Pieter Duijff (ûnder oaren skriuwer fan it Juridysk Wurdboek) him ynskreaun yn it register fan Bureau BTV as tolk Nederlânsk ↔ Frysk, oersetter Frysk → Nederlânsk en oersetter Nederlânsk → Frysk. Op gjinien fan de trije fersiken is in posityf antwurd kommen. Ek it beswierskrift hat gjin posityf effekt hân. Op fersyk is nei de útslach fan it ferwarskrift gjin aksje ûndernommen oangeande it tolketrajekt. Underwilens wie der nammentlik foar soarge dat der yn 2014 eksamenmominten komme soene. Beëdige tolken (yn in oare taal as it Frysk) dy't ynteresse hiene yn it tolkjen fan it Frysk koene harren kandidaat stelle. Itselde jilde foar minsken dy't it Frysk rom foldwaande behearsken, mar wêrby't de tolkfeardigens noch net wis wie. Dy eksamenmominten waarden bûten ús om organisearre troch de Nederlandse Associatie voor Examinering yn opdracht fan Bureau BTV. Spitigernôch hat net ien fan de kandidaten it eksamen helle. Nei ôfrin fan de eksamenmominten hat der kontakt west mei de Nederlandse Associatie voor Examinering om te sjen wêr't de knypunten sitte. Yn alle gefallen is op dit stuit Fedde Dijkstra noch altyd de iennichste tolk Frysk. Sa bliuwt it Frysk yn de rjochtseal in kwetsber dossier. Dêrom is der begjin 2015 in gearkomste pland mei de rjochtbank, de provinsje, Dingtiid en it Stipepunt fan de Afûk om meielkoar in oplossing te sykjen foar dizze situaasje.

2.4.6. Taal yn 'e soarch

Doel: It stimulearjen fan taalbelied yn 'e soarch, rjochte op it behâld dêrfan yn ferpleech- en âldereintehuzen en ferbettering yn sikehuzen en by soarchfersekerders

www.taalvoorzorg.nl

'Taal voor de zorg' wurket gear mei soarchoanbieders om soarchfregers te stimulearjen om yn soarchsituasjes de eigen taal te brûken. Dat kin troch de oanbelangjende taal sichtber te meitsjen op de soarchlokaasje mei bygelyks posters en buttons, mar ek troch it oanbieden fan workshops oan de fersoargjenden. De website www.taalvoorzorg.nl biedt û.o. in oersjoch fan relevante ûndersiken, helpmiddels, beliedssaken en hantrekkens foar profesjonals.

- tal sessys: 8.629 (+327,18%), tal unike besikers: 6.905 (+354,58%), trochsneed tiid op de site: 1.54 min. (-29,03)
- facebook: 157 likes (-)*
- mailchimp: 346 nijsbriefabonnees (-) 2, iepeningspersintaazje nijsbrief: 37,5% (-) 2
- * It projekt datwiedoesa/taalvoorzorg makke yn 2014 noch gjin gebrûk fan Facebook en mailchimp.

Serie Taal in de zorg:

Yn 2015 is úteinset mei in rige artikels oer minsken yn de soarch – profesjoneel en partikulier – en it belang fan taal. De artikels wurde fergees oanbean oan soarchrelatearre media yn Fryslân en Nederlân. Ferskate media pakke de artikels ek op. Sa is der bygelyks in artikel opnommen yn it WMO-magazine *Tijdschrift voor Verzorgenden* en op www.zorgwelzijn.nl, fakmedia mei in grut berik binnen de doelgroep. Ek streekblêden lykas de Pluskrant nimme artikels oer en fansels de tydskriften fan de soarchoanbieders. Sa'n twa moanne nei it fersprieden nei de media wurde de artikels ek fia de eigen website en sosjale media nei bûten brocht. It doel fan de searje is om beliedsmakkers en minsken op de wurkflier bewust te meitsjen fan taal en -gebrûk.

PraatmarFrysk yn it UMCG

Yn 'e mande mei Huus van de Taol, Huis van de Groninger Cultuur en it UMCG is der in '(streek)taalweek' organisearre. Yn dy wike waarden pasjinten en besikers fan it sikehûs oproppen om safolle mooglik Frysk, Grinslânsk en Drintsk te praten. Personielsleden krigen buttons en oar materiaal útdield wêrmei't sy sjen litte koene hokker taal oft sy fersteane. Ek waard der in Frysk boekepakket útrikt oan de edukatyf meiwurker fan it Beatrixsikehûs. Dat fansels om ek de jonge pasjinten yn it Frysk te betsjinjen.

PraatmarFrysk yn Nij Smellinghe

Om de Fryske taal mear sichtber te meitsjen hat der ek in PraatmarFrysk aksje west yn Nij Smellinghe. Personielsleden krigen buttons en oar materiaal útdield wêrmei't sy sjen litte koene dat der mei harren Frysk praten wurde kin. De berneôfdieling krige in boekepakket en it earste echofotolistke fan heit&mem waard útrikt. Dêr mear oer by *heit&mem*.

Fragelist 'Ferlet fan medyske apps en websiden yn it Frysk?'

Yn 2015 hat it Trimbos Instituut dwaande west mei de ûntwikkeling fan it digitale helpmiddel Robin (foar froulju mei boarstkanker). Tagelyk hawwe hja in fragelist ferspraat dy't it ferlet mjit fan medyske apps en websites yn it Frysk. Ut it projekt *Taal yn 'e soarch* wei is der meitocht oer de fragelist en fansels hawwe wy de fragelist mei útsetten nei de doelgroep.

2.4.7. (Takomstige) âlders mei jonge bern: heit&mem

Heit&mem hat in grut berik ûnder (oansteande) âlders yn Fryslân. Mei heit&mem wolle wy:

- (oankommende) âlders bewust meitsje fan de meartalige omjouwing en de kânsen op meartalige ûntwikkeling fan harren bern;
- (oankommende) âlders stimulearje om harren bern meartalich grut te bringen en dêr hânfetten foar biede;
- (oankommende) âlders stimulearje om mear Frysk te lêzen én foar te lêzen.

De crossmediale oanpak bringt mei dat (oansteande) âlders al by de swangerskip mei heit&mem yn 'e kunde komme, mar ek as sy harren bern oanjouwe by it gemeentehûs. Fansels wol heit&mem ek by de fierdere ûntwikkeling fan bern in betroubere partner wêze foar (oansteande) âlders.

heit&mem-magazine

It tydskrift *heit&mem* is in fergees twatalich tydskrift foar âlders yn Fryslân mei bern fan 0 oant 12 jier. *Heit&mem* wol (oansteande) âlders bewust meitsje fan de meartalige

omjouwing en de kânsen fan meartalige ûntwikkeling en harren stimulearje om bern meartalich grut te bringen. *Heit&mem* wol (oankommende) âlders ek stimulearje om mear Frysk te lêzen én foar te lêzen.

Dêrby wol it tydskrift de lêzers ynformaasje jaan oer tema's dy't te krijen hawwe mei it grutbringen fan bern. It tydskrift ferskynt twa kear jiers yn in oplage fan 35.000 eksimplaren en wurdt op mear as 400 plakken yn Fryslân ferspraat, ûnder oaren by bibleteken, sikehuzen, basisskoallen en bernedeiferbliuwen.

Lykas foarich jier binne yn 2015 trije nûmers fan *heit&mem* útbrocht. Twa nûmers binne útbrocht op de reguliere wize en mei ynhâld dy't minsken fan ús ferwachtsje kinne. De fersprieding fan dy twa nûmers ferrûn rûnom yn Fryslân fia basisskoallen, pjutteboartersplakken en konsultaasjeburo's, soarchfersekerders en guon Fryske sikehuzen, bibleteken, boekhannels, gemeenten en oare iepenbiere ynstellingen. In list mei ferspriedingsplakken stiet op www.heitenmem.nl. Fia in postabonnemint waard it tydskrift tsjin ferstjoers- en administraasjekosten automatysk tastjoerd. Ein 2015 hawwe de abonnees berjocht krigen dat harren abonnemint stopsetten wurdt. Nije nûmers kinne hja no bestelle fia de websjop fan de Afûk tsjin ferstjoers- en administraasjekosten. Elkenien wurdt fan it ferskinen fan in nij nûmer op 'e hichte brocht fia de digitale nijsbrief fan *heit&mem*.

Lytse heit&mem

Dêrneist is der de *Lytse heit&mem*. Dy wurdt fergees ferspraat yn in oplage fan 8.000 eksimplaren fia it Taaltaske. De *Lytse heit&mem* is in meartalich tydskrift en spesifyk rjochte op âlders mei jonge bern (0-2 jier) yn Fryslân. Yn de *Lytse heit&mem* steane allerhande artikels dy't nijsgjirrich binne foar âlders dy't krekt in lytse poppe hawwe. Alle jierren sil der ek in spesjale edysje makke wurde, eksklusyf foar yn it Taaltaske. Dêrom wie it tredde nûmer opnij in bysûnder nûmer. Fansels wie der ek yn dat nûmer wiidweidich omtinken foar de (mear)talige ûntwikkeling fan bern.

www.heitenmem.nl

It tal besikers fan www.heitenmem.nl wie yn 2015: 181.605 (+16,45%). Dy besikers wiene troch de bank 1,03 minuten op de site oanwêzich. It gie dêrby om 129.508 unike besikers (+19,91%).

Foar de promoasje fan *heit&mem* en it dêroan keppele www.heitenmem.nl wurdt gebrûk makke fan social media. Oan www.heitenmem.nl is in nijsbrief keppele mei 956 abonnees (+38,15%), in Twitteraccount mei 1.307 folgers (+7,04%) en in Facebookpagina mei 5.990 likes (+34,79%).

heit&mem-panel

Om âlders goed stypje te kinnen by de (mear)talige ûntwikkeling fan harren bern is it wichtich om de goede ynformaasje te hawwen. De ynformaasjefoarsjenning oangeande meartalige opfieding is op dit stuit nammentlik foar in grut part basearre op ynternasjonale ûndersiken. Om te soargjen dat der (noch) mear relevante ynformaasje foarhannen is, binne wy yn 'e mande mei it SFBO begûn mei it realisearjen fan in *heit&mem*-panel.

Der hawwe wiidweidige petearen west mei de Fryske Akademy, de RUG, de universiteit fan Leien en ferskate lektoraten fan NHL en Stenden. Tegearre mei it SFBO wurdt no earst wurke oan de realizaasje fan in ûndersykspanel. Yn earsten sille Afûk en SFBO sels fragen foarlizze

oan dat panel, mar it doel is dat niisneamde organisaasjes gebrûk meitsje kinne fan it panel as sy fragen/ûndersiken hawwe dy't oanslute by de doelstellingen fan heit&mem.

- tal dielnimmende húshâldingen: 158 (yn totaal 336 bern)

Kreamtaskes

Yn 2015 wiene wy foar it earst net mear fysyk oanwêzich by de kreammerken. By MCL en Nij Smellinghe wurde de foarljochtingstaskes lykwols troch de meiwurkers fan de sikehuzen omparte. Ferskillende kearen yn it jier wurde kreammerken holden yn bygl. sikehuzen. Troch de Afûk wurde kreamtaskes levere dy't útrikt wurde oan de oanwêzigen. Yn de taskes sit ynformaasje oer meartalich grutbringen en materiaal dat dêrfoar brûkt wurde kin, lykas de brosjuere 'Talen kleuren je leven', in nûmer fan *heit&mem* en in Tomkeboekje.

- tal kreamtaskes: 1.620 (dêrnjonken noch 1.300 foarljochtingstaskes foar oare mominten)

Echofotolistke

Tegearre mei sikehûs Nij Smellinghe yn Drachten hat de Afûk it heit&mem-echofotolistke presintearre. Mei dy gearwurking jout it sikehûs oan dat sy takomstige en jonge âlders tenei ynformearje sille oer de foardielen fan meartalich grutbringen. Ommers, bern dy't op jonge leeftiid mear as ien taal leare, hawwe dêr in soad foardiel fan. Dat docht bliken út ferskate ûndersiken oer de hiele wrâld. Ek oare sikehuzen, ferloskundigepraktiken en echoburo's rikke de fotolistkes út oan takomstige en jonge âlden. It fotolistke is foar âlders geskikt om harren echo goed te bewarjen en in moai plakje te jaan yn 'e hûs, mar biedt harren ek fiif fragen oangeande (mear)talich grutbringen dêr't de takomstige âlders by de swangerskip al oer neitinke kinne.

- tal echofotolistkes: 3.275

Taaltaske

By de oanjefte fan de berte fan harren berntsje krije de âlders fan de gemeente in Taaltaske mei ynformaasje oer it meartalich grutbringen fan bern yn Fryslân. It Taaltaske wurdt gearstald troch de Afûk en de provinsje Fryslân en troch de provinsje bekostige. Yn 2015 hawwe der yn totaal fiif bestelmominten west en binne likernôch 6.520 taskes ûnder de gemeenten ferspraat. Nei oanlieding fan de nije oanbesteging troch de provinsje foar dit projekt giet it Taaltaske mei yngong fan 2016 fierder as Taalkado. De organisaasje fan it projekt is op 'e nij gund oan de Afûk.

Konsultaasjeburo (GGD/JGZ)

Yn twa gemeenten (Súdwest-Fryslân en De Fryske Marren) hawwe de meiwurkers fan it konsultaasjeburo in training hân oangeande it meartalich grutbringen fan bern. Sintraal steane de thússitewaasje, it ferrin fan in meartalige ûntwikkeling, opfiedingsfragen en tips. De training soarget fansels foar in goede kennis oer meartaligens by de meiwurkers, dy't sa op in goede wize âlders ynformearje en begeliede kinne.

Yn dy gemeenten hawwe de konsultaasjeburo's ek de mooglikheid om âlders in ekstra konsult fan sa'n tsien minuten oan te bieden mei ynformaasje oer de ekstra ynset dy't âlders leverje kinne om de kâns op taaloerdracht te fergrutsjen. Mei de âlders wurdt by sa'n konsult de ûntwikkeling fan it Frysk bepraat en wurde effektive tips jûn as dy ûntwikkeling efterbliuwt. Op dit stuit binne ûnderskate gemeenten dwaande om út te sykjen oft boppesteand aanbod ek by harren konsultaasjeburo's oanbean wurde kin.

heit&mem-kafee

Yn 'e mande mei it SFBO is yn april 2015 in âlderjûn fersoarge oer meartalige opfieding en meartalich ûnderwiis. De foarljochting dy't op dy jûn oanbean waard, kin faker oanbean wurde by bygelyks heit&mem-kafees/ouder- en kindcafés. It oanbod fan sa'n foarljochtingssessy is mei in mailing kommunisearre mei gemeenten, Centra voor Jeugd en Gezin (CJG) en bibleteken. Wy fersoargje yn 'e mande mei it SFBO de ynhâld en de oanbelangjende partij (gemeente of CJG) soarget foar de romte en nûget âlders út.

2.4.8. Alderein: Dat wie doe sa

Om aktiviteitebegelieders fan passend Frysktalich materiaal te foarsjen is it projekt 'Dat wie doe sa' ûntwikkele. It oanbod út it projekt wei bestiet út ferhalen, petearen, ferskes, foto's en tips dy't aktiviteitebegelieders (AB'ers), mantelsoargers én profesjonals hânfetten jouwe om mei de âlderein te praten oer saken dy't se werkenne (reminisinsje). Oer de ynhâld kin de âlderein op nivo meiprate, want it giet oer saken dy't se noch hiel goed witte. Sa telle se wer mei en dat stimulearret it wolwêzen.

www.datwiedoesa.nl

Datwiedoesa biedt in protte materialen út it ferline dy't geskikt binne foar reminisinsje: ferhalen, muzyk, fideo's ensafuorthinne. It oanbod bestiet út werkenber materiaal, ôfkomstich út de regio en yn de taal fan de regio. It materiaal dat Datwiedoesa oanbiedt is net allinnich geskikt foar partikulieren, mar ek foar professionals yn de soarch. Sa is it foar bygelyks demintearjenden posityf om oer harren libben te fertellen. Op www.datwiedoesa.nl steane ferhalen, advizen, tips, nije gaadlike boektitels en aktiviteiten. Sjoch foar de sifers fan de website en sosjale media op www.taalvoordezorg.nl.

Minimal Mental State Examination (MMSE)

De MMSE is de metoade dy't it meast brûkt wurdt om demintsy te testen. Yn alve fragen wurde de kognitive funksjes toetst. It giet dêrby om ûnthâlden, plannen, abstrakt tinken, oersjoch hâlden, rekkenjen en taal. Nei elke fraach folget in skoare en op basis dêrfan kin de soarchprofessional in ynskatting meitsje. Oant no ta waard by petearen mei kliïnten foar de MMSE oerstapt op it Nederlânsk. Yn 'e mande mei de Afûk hat inisjatyfnimmer Hylke Groen, spesjalist âldereingenêskunde by ZuidOostZorg en GGZ Friesland, de MMSE oerset nei it Frysk. Groen hat ûnderwilens yn 'e praktyk sjoen dat in benadering yn it Frysk foar guon kliïnten hiel belangryk is. De drompel om mei de 'dokter' te praten wurdt dêrmei in stikhinne leger en kliïnten binne faak ferromme as se yn harren eigen taal harren ferhaal dwaan kinne.

De Frysktalige Minimal Mental State Examination is op www.taalvoordezorg.nl beskikber foar elkenien dy't dêr gebrûk fan meitsje wol. In brede ynfiering fan de test is dêrby it doel.

Geriatric Depression Scale 8 (GDS 8)

De ynternasjonale brûkte GDS 8 jout in earste yndikaasje oft der sprake is fan depresje of net. De test is spesifyk ûntwikkele foar de âlderein en bestiet út acht fragen dy't troch harren sels yn te foljen binne. De (hús)dokter hat oan de hân fan de útkomsten in earste yndikaasje fan depresje en it ferfolchtrajekt. De GDS 8 is sûnt 21 jannewaris 2016 ek beskikber yn it

Frysk. Frysktalige helpmiddels soargje dêrfoar dat ek de fragen yn it Frysk steld wurde en dat it petear net slûpendewei oergiet op it Nederlânsk.

De Frysktalige Geriatric Depression Scale 8 is op www.taalvoorzorg.nl beskikber foar elkenien dy't dêr gebrûk fan meitsje wol. In brede ynfiering fan de test is dêrby it doel.

3. TAALOERDRACHT

Doel: edukaasje

3.1. Kursussen Frysk foar folwoeksenen

Wy binne bliid dat it tal kursisten yn 2015 lykas yn 2014 omheechgien is. It ôfrûne jier sjogge wy dúdlik dat de koartere kursussen yn ferhâlding goed besocht wurde en de reaksjes fan de kursisten posityf binne. Yn 2015 wie it totaal oan groepskursussen 63 (yn 2014: 56). Dêrneist is it kursusoanbod útwreide mei digitaal learen: mei *eduFrysk*, it digitale learplatoarm foar it Frysk en mei *Taalreis troch Europa*.

1.1 Groepskursussen	tal kursisten			
	2015	2014	2013	2012
basiskursus <i>Fries verstaan en lezen</i>				68
basiskursus <i>Frysk op it wurk</i>	8	20	23	83
ferfolchkursus <i>Fries spreken</i>	5		1	32
yntinsive kursus <i>Fries verstaan, lezen en spreken</i>			9	23
cursus Fries (wer ferwachte yn 2016)			18	
learmarFrysk - module 1	146	139	88	
learmarFrysk - module 2	82	45		
praatmarFrysk	35	35	36	
praatmarRaak	10	9	10	27
stoomkursus	20	16	5	11
skriuwmarFrysk - module 1	105	114	131	111
skriuwmarFrysk - module 2	70	86	30	
skriuwmarFrysk - module 3	22			
skriuwkursus maile en sms'e yn it Frysk				18
pilot SkriuwmarFrysk - module 2				5
sjoernalistyk skriuwen	4		10	
skriuwkursus redaksjeleden doarpskranten			20	24
skriuwkursus pedagogysk meiwurkers foarskoalsk	38	11	20	20
opfryskkursus	27		9	16
leargong A				13
leargong A+				7
leargong B		9	11	8
leargong C	5	3	6	
Afûk-akte		2		3
literatuer	18	18	19	20
skiednis/literatuer	15	12	12	14
didaktyk	4	1	2	4
mei-inoar	614	520	460	507

Kursussen Frysk	tal kursisten			
	2015	2014	2013	2012
1.2. Skriftlike kursussen				
basiskursus <i>Fries verstaan en lezen</i>	7	10	9	
skriuwmars Frysk - module 1	21	19	15	
skriuwmars Frysk - module 2	13	5	6	
leargong A			1	17
leargong B		5	6	7
leargong C		2		
mei-inoar	655	561	497	533
1.3. eduFrysk				
Abonnemint (ûnderdiel fan kursusoanbod)	300	n.f.t.	57	70
1.4. Taalreis troch Europa – online Frysk skriuwen				
abonnemint	92			
mei-inoar	747	561	554	603
Bedriuwen/legere oerheden/ynstellingen dy't in kursus ôfnommen hawwe yn 2015				
	2015	2014	2013	2012
Provinsje Fryslân (wer ferwachte yn 2016)		24	23	
Gemeente Achtkarspelen		10	9	
Gemeente Dantumadiel	5			
Gemeente Dongeradiel		10	21	
Gemeente De Fryske Marren (wer ferwachte yn 2016)		17		
Gemeente Kollumerlân	10	17		
Gemeente Ljouwert	25			
Gemeente Tytsjerksteradiel			1	
Gemeente Littenseradiel	10		9	
Gemeente Súdwest-Fryslân	23	22	13	
Politie Noord-Nederland		13		
Rechtbank Noord-Nederland			18	
Arrondissementsparket Noord-Nederland (ferwachte yn 2016)				
Kursus op maat (bedriuwskursussen)	114	11		
mei-inoar	187	124	94	201

3.1.1. Eksamens

Fryslân-diploma's

De neifolgjende eksamens binne ôfnommen mei dêrefter it tal slagge en tusken heakjes it tal sakke kandidaten:

	2012	2013	2014	2015
NF	33 (2)	20 (3)	11 (5)	13 (0)
A	75 (21)	33 (11)	43 (11)	59 (20)
B	5 (1)	6 (1)	7 (0)	5 (0)
C	3 (0)	1 (0)	5 (0)	3 (2)
Akte	0 (0)	1 (0)	2 (0)	2 (0)
Didaktysk foech	2 (0)	0 (0)	3 (0)	0 (0)

	118 (24)	61 (15)	71 (16)	82 (22)

It tal A+ en NF 1-sertifikaten dat útrikt waard, wie:

	2012	2013	2014	2015
NF 1	35	30	6	4
A+	9	-	-	-

Skoaleksamens

Hjirûnder de resultaten fan de lêste fiif jier:

	2011	2012	2013	2014	2015
skoallen	69	63	71	52	69
learlingen	1159	1241	1291	1055	1304
A-diploma's	549	522	619	384	703
B-diploma's	538	581	554	564	494

3.1.2. Untwikkeling en begelieding

Kursussen Frysk foar net-Frysktaligen en Frysktaligen

Yn 2014 is in begjin makke mei it op 'en nij besjen fan it learplan fan de Afûk. Utgangspunt foar in nij learplan is it Europeesk Referinsjeramt (ERK), dêr't de doelen foar de ûnderskate aspekten fan taallearen yn omskreaun binne. De opset fan de kursussen is dêrtroch yn 2015 alfêst feroare. It kursusoanbod is foar in grut part fernijd en dat sil in fierder ferfolch krije yn 2016. It oanbod bestiet by *Fries verstaan en lezen* en *Skriuwmars Frysk* no út koartere kursussen fan tsien lessen. De langere kursussen, dy't in winterskoft duorje, sille úteinlik allegearre oanpast wurde yn kursussen mei ferfolchmodules neffens ûndersteande yndieling:

LearmarFrysk 1 – Fries verstaan en lezen: 10 lessen

LearmarFrysk 2 – Fries verstaan en lezen: 10 lessen

PraatmarFrysk – Fries spreken: 20 lessen (yn 2016: module 1 en 2)

Skriuwmars Frysk 1 – Fries schrijven: 10 lessen

Skriuwmars Frysk 2 – Fries schrijven: 10 lessen

Skriuwmars Frysk 3 – Taal, kultuer en skiednis: 10 lessen

Dêrnjonken binne der noch de stoomkursus, de koartere kursussen Literatuer en Skiednis & Literatuer en de Kursus op maat, foar bedriuwen, ynstellingen en gemeenten.

Foar de kursussen is nij lesmateriaal ûntwikkele. Yn de kursussen is de fernijde opset fan eduFrysk yntegraal opnommen, sadat kursisten op en tusken de kursussen gebrûk meitsje kinne fan allerhande audiofisuele helpmiddels en ynteraktive oefeningen om it Frysk yn 'e macht te krijen. De leargong C is yn 2015 foar it lêst oanbean.

Yn 2015 is ûndersyk dien nei en wurke oan it gearstallen fan lesmateriaal foar in nije foarm fan de B- en de C-kursus. It resultaat is dat mei in pilot de kursus Skriuwmars Frysk 3 yn septimber 2015 oanbean is. Yn 2016 sil dy pilot evaluearre, oanpast (as dat nedich is) en útwreide wurde.

Foar de Afûk-akte kursisten, dy't harren ûnderdielen op de NHL dogge, is it ynspirearjend om mei de studinten Frysk fan de NHL de nedige ûnderdielen te folgjen. It binne oer 't generaal kursisten dy't graach leare meie en hja fiele harren sadwaande wol thús by de NHL. De gearwurking tusken NHL en Afûk wurdt as posityf ûnderfûn.

3.2. It realisearjen fan in trochgeande learline Frysk fan pjutteboartersplak en berne-opfang oant en mei akademysk ûnderwiis, yn it ramt fan in meartalich model

Aksjes:

- Taaltaske
- Tematydskriften heit&mem

- Tomke
- Boppeslach foarskoalsk ûnderwiis
- Boppeslach primêr ûnderwiis: Studio F digitaal
- Boppeslach fuortset ûnderwiis: freemwurk.nl
- Learlingfolchsystem en metoadeûnôfhinklike toetsing

3.2.1. Pjuten en opfieders

Taaltaske

Sjoch side 24.

Tematydskriften heit&mem

Sjoch ûnder Frysk yn 'e soarch, side 23.

Tomke

It tema fan 2015 wie 'Hoi Tomke'. Dat betsjutte dat de pjut sels as kapstôk brûkt is foar de ferhalen yn de Tomke-boekjes en alle oare aktiviteiten. Krekt as yn foargeande jierren binne der binnen it Tomke-projekt trije ynfalshoeken te ûnderskieden: aktiviteiten foar en mei pjuten, aktiviteiten foar en mei opfieders (âlders en professionals) en it ûntwikkeljen fan materiaal foar in meartalige omjouwing yn de foarskoalske perioade.

Tomke: aktiviteiten foar en mei pjuten

Fryske Foarlêswike

Begjin juny ferskynde it foarlêsbokje 'Hoi Tomke'. Dat waard foarlêzen en fergees útdield yn de Fryske Foarlêswike. Yn de perioade fan 1 o/m 5 juny 2015 waard yn tweintich gemeenten, ferspraat oer 368 (2014: 363) bernsintra, foarlêzen. De measte bernsintra ha mear as ien groep. Mei-inoar is der oan 717 (2014: 700) groepen foarlêzen. Yn in protte gemeenten wie it resultaat 100%, dat wol sizze dat alle bernsintra meidien hawwe. Ek is der by 549 gastâlden (2014: 256) foarlêzen.

Yn 2015 is foarlêzen oan goed 12.500 (2014: 12.400) pjuten, ynklusyf 450 (2014: 600) 'ukken' yn de Stellingwerven. It Selskip foar Fryske Tael en Skriftekennisse organisearre it foarlêzen en it útdielen fan de Tomke-boekjes yn de Fryske Foarlêswike. Om it foarlêzen mooglik te meitsjen wiene mar leafst 520 entûsjaste foarlêzers aktyf (en 549 gastâlden). In team fan fyftich kontaktpersoanen keppele yn elke gemeente de foarlêzers oan de ferskate lokaasjes.

Tomke yn de biblioteken

Fan it begjin fan it Tomke-projekt ôf binne de Fryske biblioteken behelle by it Tomke-projekt. Tusken it geweldich grutte Nederlânsktalige aanbod fan de lanlike programma's hat Tomke yn de biblioteken syn eigen plakje fûn. By ferskate aktiviteiten foar de foarskoalske perioade waarden Tomke-materialen brûkt en/of útdield. Op de Nationale Voorleesdagen yn jannewaris koene de pjuten mei harren âlden of pakes en beppes yn de biblioteek it boekje 'Tomke nei de biblioteek' ophelje. Der waarden mar leafst 5.050 útdielboekjes fergees ferspraat. As ûnderdiel fan dy aksje waarden âlden ynformearre oer meartalich grutbringen en oer de mooglikheid om bern oant 18 jier fergees lid te meitsjen fan de biblioteek. Yn de

moannen jannewaris o/m maaie hat de Tomke-Toer plakfûn, wêrby't de spylsters Riemkje Pitstra en Jetske Miedema mei harren foarstelling 'Lekker ite' by de biblioteken del kamen. Mar leafst 26 biblioteken ha dielnommen oan dy toer. Alle bern krigen nei ôfrin in moaie Tomke-kaart mei dêrop in opsiferske.

By gelegenheid fan it Fertel & Foarlês Festival waard it Tomke-boekje 'Hoi Tomke' ek yn de biblioteken oan de jongste besikers útdield. Boppedat waard yn dy perioade troch alle biblioteekklusters de aktiviteit 'Mei Tomke op de foto' organisearre. Dêr waarden libbensgrutte Tomke-kostúms mei in heech 'aaiberheidsgehalte' foar ynset. Sawol troch de bern as harren âlden waard dy aktiviteit tige wurdearre. Fansels waard der ek in protte foarlêzen.

Tomke op de telefyzje

Foar de telefyzje waarden achttjin nije Tomke-ferhaaltsjes skreaun troch Riemkje Pitstra en Auck Peanstra. Luuk Klazenga fersoarge de yllustraasjes en de stimmen waarden ynsprutsen troch Tamara Schoppert en Douwe de Bildt. Feije van der Meer fan Omrop Fryslân fersoarge de opnamen en hie de einredaksje yn hannen. De nije Tomke-ôfleveringen waarden útstjoerd yn en om de Fryske Foarlêswike hinne. Yn de rest fan it jier wiene alle wykeinen (Tomketiid) werhellingen fan de Tomke-ôfleveringen te sjen by Omrop Fryslân. Tomketiid is in programma foar pjutten mei Tomke yn de haadrol.

Tomke-radio

Op 18 oktober waard Tomke-radio lansearre. Fan dat momint ôf is Tomke-radio alle dagen beskikber. De hiele dei binne der sawol ferskes as ferhaaltsjes te hearren. Moarns ferskes en ferhaaltsjes foar de lytste bern en middeis ferskes en ferhaaltsjes foar de wat gruttere bern. En om bêdtiid hinne binne der in oere lang ferhaaltsjes te hearren. Tomke-radio is te finen by Omrop Fryslân, fia de site www.tomke.nl en fia de sites fan de Fryske biblioteken.

Foarstelling 'Lekker ite'

Fan 2013 ôf binne de saneamde 'Tomkemoarnen mei foarstelling' holden: in kombinaasje fan in Tomke-hânpopfoarstelling en it leechdromplich ynformearjen oer taaloanbod en meartalich grutbringen. Dy foarstellingen, dy't ek âlders en bern berikke dy't wat minder gau yn oanrekking komme mei it Frysk, wurde ynhiert troch bernsintra en bibleteken en binne yn 2015 sa'n tachtich kear spile. De foarstelling mei Tomke yn de haadrol slút oan by de wrâld sa't pjutten dy belibje. Yn de foarstelling hat Tomke fertriet, want buorfrou Swietbek docht sa nuver. Se docht oars allegearre fleurige dingen mei him: hutte bouwe, boekje lêze, fuotbalje. No sit se mar wat op 'e bank en wol neat mear. Tomke wol har helpe. Hy giet nei Kokky. Miskien kin dy lekker iten foar syn buorfrou meitsje. Tomke mei Kokky helpe yn 'e keuken. Se dogge o sa harren bêst, mar buorfrou fynt neat oan de ferrassing! Hoe komt it dochs dat se net ite wol? Dêr komme Tomke en Kokky gau efter. Gelokkich kinne se buorfrou wer fleurich en fit krije. De foarstelling duorret likernôch 30 minuten en kin spile wurde yn boarterslokalen fan bernedeiferbliuwen, pjutteboartersplakken, biblioteken ensfh. De bern wurde aktyf belutsen by it ferhaal.

Tomke-app

De Tomke-app is bedoeld foar tablets. Hy is fergees en beskikber foar de iPad en foar Android. De app is bedoeld foar pjutten en bestiet no út seis Tomke-boekjes op rym. De bylden bewege en it ferhaal wurdt foarlêzen. Nei elk ferhaal kin it bern in spultsje dwaan.

Tomke-website

Op de Tomke-website (www.tomke.nl) is in spesjaal ûnderdiel foar pjutten opnommen. Pjutten kinne dêr spultsjes dwaan en nei lietsjes of ferhaaltsjes harkje.

Tomke: ynformaasjefoarsjenning en materialen foar professionals

Tomke-nijsbrief

De nijsbrief foar professionals ferskynde yn 2015 trije kear. De nijsbrief waard yn in oplage fan 1250 stiks ferstjoerd nei alle bernsintra en de jeugdkonsulinten fan de biblioteken. De nijsbrief ynformearre harren oer aktiviteiten, nije materialen en oare saken oangeande Tomke en foarskoalske ûnderwerpen.

Tomke-ynspiraasjejûnen

De ynspiraasjejûnen binne in ûnderdiel fan de aktiviteiten fan de Tomke-wurkgroep. De einferantwurdlikheid foar de organisaasje wie yn hannen fan Cedin. De jûnen binne spesjaal bedoeld foar liedsters fan bernsintra en oare professionals. De jûnen stiene yn it teken fan it tema 'Hoi Tomke' en fûnen plak op 15 april yn Stiens (kultureel sintrum De Skalm) en op 22 april yn Drachten (brede skoalle De Wiken). It programma bestie út de folgjende ûnderdielen:

- Iepening troch Anne Graswinkel (Tryater) mei in ynteraktive lêzing oer it stimulearjen fan drama by bern;
- In taljochting op de aktiviteiten binnen it Tomke-projekt troch de Afûk;
- In ynformaasjemerk;
- Twa workshops, t.w. 'berneyoga' troch Christa de Vries (praktijk voor kinderyoga & begeleiding) en 'dûns en muzyk' troch Willy van Assen (Danswil).

Alle dielnimmers krigen nei ôfrin in goodiebag. De jûnen waarden posityf wurdearre. Ut de evaluaasje die bliken dat de besikers as sifer net leger as in 8 joegen. It tal besikers wie 47.

www.tomke.nl

De Tomke-website (ek te brûken op in tablet) wurdt troch de bank troch 1000 unike besikers yn 'e moanne besocht. De website bestiet út spultsjes, lietsjes en ferhalen foar de bern en ynformaasje foar âlden en professionals. De website rjochtet him op taal- en lêsbefoarding. Hy wurdt kontinu by de tiid holden en de ynhâld fan bygelyks spultsjes, ferhalen, kleurplaten, wurkblêden en taalaktiviteiten wurdt geregeld oanpast oan tema's dy't passe by de tiid fan it jier en tema's dy't brûkt wurde op bernsintra. Fia de website wurde digitale nijsbrieven ferstjoerd en is der nijs oer Tomke. Fia de Tomke-Facebookpagina krije goed 2000 minsken regelmjittich nije berjochten fan Tomke. De Pinterest-side fan Tomke hat 170 folgers.

Tomke en de Sânglêsrige

De Tomke-wurkgroep naam yn 2003 it inisjatyf om te kommen ta de útjefte fan Frysktalige temabrosjueres. Dêrút ûntstie de Sânglêsrige as totaalprogramma foar

pjutteboartersplakken, mei omtinken foar taalûntwikkeling, motoryk en oare ûntwikkelingsgebieten. Nei goed tsien jier wie de Sânglêsrige oan ferfanging ta. Yn 2015 is dêrom wurke oan it ûntwikkeljen fan nij Tomke-materiaal dat yn 'e rin fan 2016 beskikber komt. Dat nije materiaal is sa makke dat it as oanfolling op lanlik VVE-materiaal ynset wurde kin, benammen op de programma's Uk & Puk en Piramide, de (Nederlânsktalige) VVE-programma's dy't yn Fryslân it meast brûkt wurde. Fan dy oanfolling is ferlet, omdat de lanlike metoaden net ôfstimd binne op de meartalige sitewaasje sa't dy yn Fryslân bestiet. De Sânglêsrige is yn 2016 net mear beskikber.

Materialen foar pjutten en opfieders

Tomke-boekje 'Tomke nei de bibliotek'

Op de Nationale Voorleesdagen yn jannewaris waarden troch de biblioteken 5.050 eksimplaren fan it boekje 'Tomke nei de bibliotek' fergees útdield oan de jongste bibliotekbesikers. It boekje bestie út in ferhaal, in opsisferske en in spultsje. Diskear wie Auck Peanstra de skriuwster, Luuk Klazenga fersoarge de yllustraasjes.

Tomke-boekje 'Hoi Tomke'

Yn de Fryske Foarlêswike is it Tomke-temaboekje útdield. It foarlêswike ferskynde yn in Frysktalige, in Stellingwerfske en Skiermûntseagerske ferzje mei fjouwer ferhaaltsjes en twa stripferhalen. Boppedat hie it foarlêswike wer in protte yllustraasjes, opsisferskes, lietsjes, spultsjes, in praatplaat en in kleurplaat. Der wie ek ynformaasje yn opnommen oer it Tomke-projekt, Fryske printeboeken en oare media. It 28 siden tellende boekje waard foarmjûn yn de karakteristike Tomke-styl troch Monique Vogelsang. Krekt as foarhinne soargen de skriuwsters Auck Peanstra en Riemkje Pitstra foar de ferhaaltsjes. De lietsjes en ferskes wiene fan Geartsje Douma. De yllustraasjes waarden fersoarge troch Luuk Klazenga en Linda de Haan. It Tomke-boekje ferskynde begjin juny en waard fergees distribuearre fia it netwurk fan de biblioteken en konsultaasjeburo's. It grutste part waard útdield troch de foarlêzers yn de Fryske Foarlêswike. De oplage wie foar de Fryske ferzje 27.000 eksimplaren, 1.000 yn it Stellingwerfsk en 350 yn it Skiermûntseagersk.

Tomke-poster

De Tomke-poster mei dêrop de yllustraasje fan de foarkant fan it Tomke-boekje makke wer diel út fan it oanbod. Dit jier waarden de posters ek wer ophongen yn biblioteken, bernesintra, wachtkeamers, konsultaasjeburo's, gemeentehuzen en buerthuzen. Boppedat ha de bernesintra dy't meidien hawwe oan de Fryske Foarlêswike yn oparbeidzjen mei it Selskip foar Fryske Tael en Skriftekennisse in úttearpster krigen.

3.2.2. Foarskoalsk ûnderwiis

Yn 2007 stelde de KAG-Foarskoalsk yn it fisystik 'Alles út 'e kast' (KAG-Foarskoalsk, 2007) syn fisy en wurkdoelen op foar it stimulearjen fan meartaligens yn it generaal en de Fryske taal yn it bysûnder. Yn 2012 ferskynden in evaluaasjenota fan de aktiviteiten ûndernommen yn it ramt fan it fisystik en in fuortgongsnotysje foar de perioade 2012-2015. As ferfolch dêrop is it ambysjedokumint 'Taalryk foarskoalsk Fryslân' (KAG Foarskoalsk, 2015) opsteld. Yn dat dokumint, dat de perioade 2015-2018 beslacht, wurdt troch de Afûk en de gearwurkjende partijen foar de kommende jierren ynset op saken lykas foarljochtings- en stypjende

aktiviteiten, de trochgeande line nei it primêr ûnderwiis en multymediaal materiaal foar pjutteboartersplakken, bernedeiferbliuwen en ek foar âlders/bern. Deputearre Steaten hawwe it ambysjestik foar kundskip oannommen en hawwe ynstimd mei de rjochting dy't yn it stik oanjûn is en dy't oanslút by it koälysje-akkoart 2015-2019 'Mei elkenien foar elkenien'. It foarlizzende produktplan 'Taalstimulearring yn de foarskoalske perioade (VVE) 2016-2019' omfettet de aktiviteiten dy't opnommen binne yn it ambysjestik fan KAG Foarskoalsk en troch de Afûk binnen it projekt Foarskoalsk (VVE) útfierd wurde.

Doelen en doelgroepen

Doel: taalstimulearring yn de foarskoalske perioade (VVE = Voor- en Vroegschoolse Educatie) 2016 o/m 2019

Algemien doel: ynformearje oer meartalich grutbringen en it stimulearjen fan in goede taalomjouwing

Spesifyk doel foar âlden yn de foarskoalske perioade: ynformearje oer meartalich grutbringen en brûkber en oantreklik materiaal oanbiede om thús in goede taalomjouwing te stimulearjen.

Spesifyk doel foar professionals yn de foarskoalske perioade: stimulearje om aktyf mei taalbelied dwaande te bliuwen troch te ynformearjen oer it meartalich grutbringen fan bern en troch brûkber en oantreklik materiaal oan te bieden.

Doelgroep: alle âlden en professionals yn Fryslân dy't te krijen hawwe mei bern yn de foarskoalske perioade. De aktiviteiten besteane út:

- it oanbieden fan foarljochtingsaktiviteiten en -materialen oer mooglikheden op it mêd fan meartaligens oan de neamde doelgroepen en
- it ûntwikkeljen en oanbieden fan materialen, programma's en ICT-tapassingen fia ynternet en oare multymedia yn de foarskoalske perioade.

Gearwurkingspartners binnen de KAG-VVE binne:

Bibliotheekservice Fryslân, Cedin/Sintrum Meartaligens, Sintrum Frysktalige Berne-opfang, GGD Fryslân, Partoer, ROC's Friese Poort en Friesland College, Tomke-wurkgroep.

Oare gearwurkingspartners binne:

Omrop Fryslân en projekten binnen de Afûk mei aktiviteiten op itselde mêd (heit&mem, Taalkado, GemeentenenFrysk, útjouwerij Afûk, winkel Afûk, PraatmarFrysk kampanje, primêr ûnderwiis).

Aktiviteiten taalstimulearring yn de foarskoalske perioade 2015

Ynformaasjemateriaal rjochte op âlders

-brosjures en tydskriften

-folder 'Talen kleuren je leven'

De yn 2014 fernijde folder 'Talen kleuren je leven' is opnommen yn it Taaltaske. De folder rjochtet him no ek mear op twatalige gesinnen. Fersprieding fan de folder is fia it Taaltaske gien, mar ek fia foarljochting yn sikehuzen, it SFBO en mailingen. Dêrneist wurdt oansletten

by aktiviteiten fan û.o. KAG-VVE leden en oare gaadlike eveneminten, lykas Kulturele Haadstêd 2018.

-heit&mem tydskrift
Sjoch side 22 en 23.

-Foarlêsgids

Yn 2015 is der wer in 'heit&mem-foarlêsgids' útbrocht. Dy gids foar âlden befettet ynformaasje en tips oer meartalichheid, taal- en lêsbefoarding en wurdt û.o. ferspraat fia de Afûk, bibleteken, bernsintra en Cedin.

-Websites en social media

Foarljochting wurdt ek jûn fia websites en de social media. Sa binne der pagina's op Facebook fan heit&mem (sa'n 7000 folgers) en Tomke (sa'n 2000 folgers). In part fan dy communities wurdt ek fia de mailnetwurken fan in digitale nijsbrief foarsjoen.

-heit&mem website

Der wurdt ynhâld gearwurke oangeande de website en social media, om dy safolle mooglik ynteraktyf en aktueel te hâlden (sjoch ek hjirûnder).

Foarljochtingsaktiviteiten en stipe op it mêd fan meartalich grutbringen

-Tomkefoarstelling
Sjoch side 32.

(Multymedia)materiaal foar pjutteboartersplakken en bernedeiferbliuwen

Foar in optimale meartalige ûntwikkeling is in kwalitatyf goede taalstimulearjende omjouwing nedich. In ryk taaloanbod soarget foar in rike taalûntjouwing by jonge bern. Om dat te realisearjen binne der Frysktalige tapassingen fia ynternet en oare multymedia foar de foarskoalske perioade ûntwikkele. Sa is de Tomke-website yn 2013 fernijd online gien en binne der in soad nije ûnderdielen ûntwikkele. It Tomke-projekt rjochtet him op bern fan twa jier ôf, op it meartalich grutbringen fan dyselde bern en op harren âlden. Om oan it ferlet fan it wurkfjild te foldwaan wurde de materialen en aktiviteiten binnen it Tomke-projekt alle jierren útwreide en oanpast. Sa wurdt alle jierren in (kwaliteits)ympuls jûn oan professionals en âlden op it mêd fan twa- of meartaligens.

Foar de professionals dy't wurkje mei bern yn de foarskoalske perioade is it stimulearjen fan de taalûntjouwing yn de groep wichtich, b.g. mei foarlêsmateriaal, lessuggestjes by de tema's, tv-programma's, kompjûterspultsjes, ensfh. Foar de âlden sil dat it ynformearjen oer taalstimulearring by jonge bern op it mêd fan meartaligens wêze en materialen dy't âlden brûke kinne om de taal te stimulearjen. Ek is it nedich om de Tomke-website te kontinuearjen mei nije ynhâld lykas ynformaasje, mar ek spultsjes en foarlêsunderdielen. Dêrneist is it nedich om hieltyd nije ICT-tapassingen en -materialen te ûntwikkeljen en oan te bieden.

Materialen en aktiviteiten dy't op grûn fan dit aktiviteiteplan ûntwikkele wurde en plakfine, wurde ôfstimd mei de Tomke-wurkgroep en KAG-VVE.

Doch mear mei Tomke

Binnen it Afûk-projekt VVE wurdt wurke oan it ûntwikkeljen fan oanfoljend VVE-materiaal, oanslutend op de yn Fryslân meast brûkte Nederlânsktalige programma's. It materiaal, in map mei fertelplaten en temahantliedingen, is basearre op de foarlêsfêrhalen fan Tomke en op Fryske printeboeken. By tolve tema's, lykas bygelyks 'Ferkear' en 'Maitiid' wurde (nije en besteande) ferhaaltsjes, ferskes en lietsjes, spultsjes en nifelaktiviteiten oanbean, sadat liedsters mei de bern wurkje kinne oan de taalstimulearring yn it Frysk. Ek wurde der suggestjes jûn by Frysktalige printeboeken lykas dy fan Stip, Mol en Nijntje. De aktiviteiten kinne oanfoljend, mar ek los fan de lanlike VVE-programma's lykas Piramide en Uk & Puk brûkt wurde. Yn de hantliedingen wurdt by elk tema oanjûn watfoar aktiviteit oft oanslút by de Nederlânske programma's. Ek wurdt der in oersjoch jûn fan Fryske ferhalen, lietsjes en ophisferskes dy't oanslute by de Nederlânske programma's. Neist de tolve temahantliedingen komt yn de map in hantlieding mei algemiene gebrûksoanwizingen, poppekastferhalen by alle tema's, dûnsaktiviteiten by de tema's en algemiene Fryske lietsjes.

It materiaal slút ek oan by de tema's fan de digitale learomjouwing foar groep 1/2 fan it primêr ûnderwiis, dêr't op dit stuit troch de Afûk oan wurke wurdt. Nei it ûntwikkeljen fan it basismateriaal fan 'Doch mear mei Tomke' sil de klam lizze op de ymplementaasje en de fierdere ûntwikkeling om sa de bernsintra struktureel nije prikkels en stimulânsen biede te kinnen foar it wurkjen mei it materiaal. By de map heart ek noch de tas 'Tomke útfanhûs'. Yn dy tas sitte in grutte Tomke-knuffel en it boekje 'Tomke útfanhûs', dy't mei de bern mei útfanhûs kinne. Yn de tas sit ek ynformaasje foar âlders oer meartaligens en lê- en taalstimulearring.

Yn 2014 is it plan opsteld foar it te meitsjen VVE-materiaal. Yn 2015 is begûn mei it ûntwikkeljen fan it materiaal. It earste materiaal is doe úttest troch de foar dit projekt opstarte testgroep, besteande út gastâlders en liedsters fan bernsintra. De reaksjes wiene tige posityf en op basis dêrfan is besletten om op dy wize fierder te gean. Ek binne der út dy testfaze noch in oantal oandachtspunten nei foaren kommen, sa as it ferlet fan konkreet materiaal lykas boeken, cd's en praatplaten. Yn 2015 soe de ûntwikkeling en de presintaasje fan it VVE-materiaal plakfine, mar yn oerlis mei de provinsje is besletten om it materiaal yn 2016 fierder te ûntwikkeljen. Dat jout ús mear tiid om foar de presintaasje ta in bredere ûntwikkeling fan it oanbod en in goede oansluting te kommen.

Materialen

Om de pedagogysk meiwurkers geregeld nije prikkels en stimulânsen te bieden, ûntwikkelje wy faak nije materialen en stjoere wy harren faak dingen ta. De materialen slute oan by besteande aktiviteiten, sawol op it mêd fan it Frysk as it Nederlânsk. Sa binne yn 2014 by de Tomkerige-boekjes nije ferskes makke dy't ek te hearren binne op de Tomke-website. Alle bernsintra hawwe doe it boekje 'Sjonge mei Tomke' mei de nije ferskes fergees tastjoerd krigen (teksten en muzyknotaasje). Ek hawwe de bernsintra dy't meidogge oan de Fryske Foarlêswike yn oparbeidzjen mei it Selskip foar Fryske Tael en Skriftekennisse yn 2014 en 2015 in moaie úttearpster krigen dy't oanslút by it fergeze Tomke-temaboekje. En yn desimber 2015 hawwe de bernsintra in les-/lêsbrieff mei poster krigen by it boekje 'Wy hawwe der in geitsje by!'. De Nederlânske ferzje fan dat boek stie yn 2016 sintraal yn it lanlike foarlêspjekt Nationale Voorleesdagen foar bernsintra en primêr ûnderwiis, dat altyd plakfynt yn jannewaris. Wy krije in soad positive reaksjes op dat materiaal en it slút oan by it ferlet fan it wurkfjild.

3.2.3. Primêr ûnderwiis

-Studio F digitaal

Yn 2015 hat de Afûk fierder wurke oan it digitale platfoarm foar it Frysk yn it primêr ûnderwiis en de opfolger fan *Studio F*. Wy binne drok dwaande mei it ûntwikkeljen fan in digitale omjouwing (ynklusyf edukative games) foar it Frysk yn it ûnderwiis. Doel is om ta in oantreklik edukatyf platfoarm te kommen dat gebrûk makket fan de nijste media (lykas tablets en digibuorden), mei oandacht foar persoanlike learrûtes en romte foar effektive taalgames. Om ta in moai, fleksibel, útnûgjend en wurkber pakket oan (metoade)materialen te kommen, wurkje wy gear mei ferskate partijen, lykas Cedin, de learare-opliedingen, taalkoördinatoaren, leararen en skoalbestjoeren.

De opfolger fan *Studio F* sil yn de simmer fan 2016 klear wêze. Nei ferskate oriïntaasjes, observaasjes en oare ûndersiken is troch ferskate wurkgroepen yn 2014 en 2015 wurke oan de metoadefarianten fan de nije digitale metoade. Yn 2015 is ek de namme foar de metoade bekend wurden: *Spoar 8*. *Spoar 8* is de opfolger fan *Studio F* en is de nije metoade Frysk foar it basisûnderwiis. De '8' stiet foar de acht groepen yn it basisûnderwiis. It wurd 'Spoar' jout oan dat der net ien rûte is om de Fryske taal te learen, mar dat der in hiel soad spoaren binne om fan A nei B te kommen. Foar de ûnderbou is der in ferzje en foar de midden- en boppebou binne der twa ferzjes: de "wrâld-" en de "metoade"-fariant. *Spoar 8-mb/bb* is de metoadefariant en hat as basis it eardere *Studio F*.

-Spoar 8-ûnderbou

Spoar 8 yn de ûnderbou wurket tematysk, oanslutend by de *Studio F*-tema's en oare metoaden (lykas *Schatkist* en *Kleuterplein*) yn de ûnderbou. Tink dêrby oan tema's lykas: de seizoenen, de ferskillende feesten en it lichem. Der binne mear as tûzen ferhaaltsjes, ferskes, opsiferskes, printeboeken en filmkes te finen. Yn de foarm fan lessuggestjes wurde der allegear ideeën jûn om mei de bern oan it Frysk te wurkjen. Dy suggestjes binne keppele oan de taaldoelen fan it *referinsjeramt Frysk*.

Spoar 8-mb/bb: *Spoar 8-mb/bb* is foar de groepen 5-8 (ek brûkber foar groep 4) en wurket mei de bekende tema's fan *Studio F* (lykas: Feest, Natuer en Technyk). Nij is dat der twa differinsjaasjenivo's binne (yn stee fan fjouwer) en dat de metoade folslein digitaal te brûken is. De ûnderdielen stavering, wurdskat en grammatika wurde oanbean fia de game *Meunstertún*. Yn fjouwer wike wurdt hieltyd binnen ien haadtema (b.g. feest) ien ûnderwerp (b.g. merke) behannele. Yn les 1 jout in 'flogger' yn in koart fideofilmke in yntroduksje en stelt de klasse in fraach (b.g. 'Hoe sjocht in attraksje derút?'). De learlingen geane yn les 2 en 3 mei dy opdracht oan 'e slach en yn les 4 is der in slotaktiviteit. Yn les 2 en 3 wurdt fierder (digitaal of op papier) wurke oan de opdrachten om it tema hinne en mei *Meunstertún* (digitaal).

Meunstertún

Meunstertún is in digitale game wêryn't learlingen yndividueel en op harren eigen nivo wurkje oan de stavering, wurdskat en grammatika fan it Frysk. Fierderop, ûnder it kopke 'Edukative games', wurdt de taalgame *Meunstertún* fierder taljochte.

Wrâld: Foar twa- en trijetalige skoallen en foar skoallen dy't op in oare manier oan de Fryske taal wurkje wolle, komt der in "wrâld"-fariant fan de digitale metoade. De dosint kin

oanslute op wrâldoriïntaasje-tema's troch gebrûk te meitsjen fan digitale teksten, filmkes en presintaasjes. Suggestjes foar taalaktiviteiten binne beskikber.

Yn de twadde helte fan 2015 binne de pilots mei de nije metoade begûn. Fyftjin skoallen en mear as fiifentweintich dosinten út de ûnderbou fan it primêr ûnderwiis hawwe meidien oan de pilot. Yn 'e mande mei de kollega's fan Cedin hawwe wy nei al dy skoallen ta west om de lessen te observearjen en te praten mei de dosinten. Op ferskillende manieren is in soad feedback garre, dy't sawol posityf wie as opbouwend. Dy feedback sil yn 2016 liede ta fierdere ferbetteringen fan de nije metoade en fan it digitale systeem.

In wichtich ûnderdiel fan de nije metoade-oanpak is it digitale taallearplatfoarm *eduFrysk*. Der is yn 2015 wurke oan de modules 'printing on demand', 'learplanplanner', 'learaarassistint' en 'learning analytics'. Der is ek fierder wurke om de relevante learynhâlden fan Afûk, Cedin en *Studio F* op te nimmen yn it digitale platfoarm. Metoadematerialen, evaluaasjes en toetsen binne oanpast en makke op basis fan de útkomsten fan it wurk fan de wurkgroepen en op basis fan it *referinsjeramt Frysk (rrF)*. De edukative games dy't makke binne en wurde, hawwe in plak yn de learomjouwing krigen.

3.2.4. Fuortset ûnderwiis

Learmiddels

Yn 2014 is nei oanlieding fan petearen mei dosinten Frysk binnen it fuortset ûnderwiis-dosintenetwurk in netwurk ynsteld dêr't yn wurke wurdt oan de ynhâldlike fernijing en ferbettering fan it fak Frysk. De metoade *Freemwurk* is oan in update ta. Dat docht gjin nij, omdat fan skoalboeken yn Nederlân trochstrings om de fjouwer à fiif jier nije, revisearre edysjes ferskine. Wy hawwe derfoar keazen om de refyzjeplannen te kombinearjen mei it digitalisearjen fan de metoade *Freemwurk*. Dêr fierderop mear oer.

-Memo

Yn 2009/2010 is mei stipe fan de provinsje Fryslân troch skoalbegeliedingstsjinst Cedin úteinset mei it projekt Meartalich Fuortset Underwiis (MFU): it opsetten fan in trijetalige stream yn it fuortset ûnderwiis yn Fryslân as fuortsetting fan it trijetalich basisûnderwiis. De opset fan it projekt is dat op skoallen dy't dat wolle op syn minst twa fakken yn it Ingelsk en twa fakken yn it Frysk jûn wurde. Der is destiids foar keazen om op dy skoallen njonken it fak Frysk it fak skiednis yn it Frysk te jaan yn de earste trije jier fan de ûnderbou. CSG Liudger yn Burgum wie de earste skoalle dy't dêr yn 2010 mei úteinsette. Yn de jierren dêrnei binne der trije skoallen by kommen: CSG Bogerman yn Wommels, CSG Bogerman yn Koudum en mavo De Saad yn Damwâld. As learmetoade foar skiednis wurdt de Nederlânske metoade *Memo* fan útjouwerij Malmberg brûkt. De Afûk hat mei dy útjouwer in oerienkomst sletten om dy metoade, besteande út in hânboek, in wurkboek en in antwurdeboek, oer te setten.

-Alve-en-tritich

As oanfolling op de metoade *Memo*, dy't de skiednis fan de hiele wrâld en yn 't bysûnder Nederlân behannelet, hat de Afûk yn it ramt fan itselde projekt foar it fak skiednis yn Fryslân de metoade *Alve-en-tritich* gearstald oer de skiednis fan Fryslân op grûn fan de troch de provinsje Fryslân fêststelde *Kanon fan de skiednis fan Fryslân*, yn de foarm fan 41 finsters. Dy metoade wurdt ek op de boppeneamde skoallen brûkt en bestiet lykas *Memo* út hânboeken, wurkboeken en antwurdeboeken.

-Freemwurk.nl - it fierder ûntwikkeljen fan it digitale learplatfoarm eduFrysk

De provinsje hat yn it ramt fan syn nota 'Grinzen oer' de Afûk de ôfrûne jierren yn de gelegenheid steld om it nije digitale learplatfoarm *eduFrysk* en de learmiddels foar it Frysk yn it fuortset ûnderwiis fierder stal te jaan. Yn 2014 hat de Afûk, yn nau oparbeidzjen mei Cedin en mei in kearngroep fan dosinten Frysk, in plan makke foar in kompleet nije digitale metoade foar it fak Frysk foar it earste learjier fan it fuortset ûnderwiis, dy't de opfolger fan *Freemwurk* en *freemwurk.nl* wurde moast. De ambysje waard formulearre om it mooglik te meitsjen dat dosinten it fak Frysk folslein digitaal jaan koene. De metoade soe yn syn gehiel brûkber wêze moatte foar de iPad, mar ek foar oare tablets en foar de pc. Fierders die út petearen mei dosinten Frysk bliken dat der net allinne ferlet wie fan in grutte digitale mediateek mei lesmaterialen, mar dochs foaral ek fan in metoadyske oanpak. Dat hold yn: in rige fan op syn minst 36 komplette lessen, dêr't yn it hiele earste learjier op vmbo-tl/havo/vwo mei lesjûn wurde koe.

Yn it skoaljier 2014-2015 hawwe de Afûk en Cedin dat plan foar de nije digitale metoade konkreet útwurke. Begjin jannewaris 2015 wiene 14 fan de 36 digitale lessen hielendal klear en beskikber yn it learplatfoarm *eduFrysk*. Om de lesserige, dy't de namme *Searje 36* krigen hat, kompleet te meitsjen, waard troch in konstruksjegroepke fan metoademakkers en dosinten foar de restearjende 22 lessen lesmateriaal selektearre út de metoade *Freemwurk*, mar ek út it tydskrift *LinKk* en út it lesmateriaal fan de *Kanon fan de skiednis fan Fryslân*. Dat selektearre lesmateriaal moast fansels allegear digitalisearre en metadataarre wurde. Dêrneist hawwe de metoademakkers fan de Afûk ek noch in soad nij lesmateriaal ûntwikkele, sa as hark- en sjo chopdrachten by Omrop Fryslân/Skoaltv-filmkes en de Finsterfilmkes fan de *Kanon fan de skiednis fan Fryslân*. Fierders binne der nije tekstbegrypopdrachten makke (by *LinKk*-artikels, by ferhalen en gedichten en by de *Kanon*-teksten), nije taalopdrachten (grammatika/idioom en betsjuttingsfolle taalaktiviteiten) en in grut tal nije tematyske wurdlisten, sadat de edukative spultsjes fan *GameFrysk* ek goed yn *Searje 36* yntegrearre wurde koene.

Fia in ûnderlizzende kultuerline waard mei it digitale lesmateriaal op effektive wize oansluting socht by saken dy't in dosint Frysk troch it skoaljier hinne tsjinkomt, sa as it FeRstival, SjONG!, de GameFrysk-appwedstriid en de lêsbefoarderingsprojekten fan LêsNo (*Grutte Pier: Krús fan de Hollanner* en *De deikoersen fan Remco*). Foar dy lêste twa lêsprjekten binne troch de Afûk en Cedin lesbrieven mei ferwurkingsopdrachten foar yn totaal tolve lessen skreaun (+ de byhearrende húswurkopdrachten). Al dy ferwurkingsopdrachten én de audioferzjes fan de boeken én de filmkes (trailers en de ôfleveringen fan de telefyzjesearje) binne foar de dosinten en learlingen digitaal beskikber makke yn de mediateek fan *eduFrysk* en as lesûnderdielen yn *Searje 36*.

De nije digitale metoade waard yn 2014 earst yn pilotfoarm lansearre en tige entûsjast troch it ûnderwiisfjild ûntfongen. Fan maaie 2015 ôf is de Afûk begûn mei it ferkeapjen fan lisinsjes oan it fuortset ûnderwiis foar it skoaljier 2015-2016. *Searje 36* foarseach blykber yn in grut ferlet, want yn totaal binne yn 2015 oan 25 skoallen 3.391 *eduFrysk*-lisinsjes ferkocht. Dosinten en learlingen jouwe oanhâldend feedback oer technyske en ynhâldlike ferbetteringen. Troch it adaptive karakter fan *eduFrysk* kinne altyd noch lytse oanpassingen yn it lesstofaombod dien wurde. In oar pluspunt is it feit dat dosinten it lesstofaombod ek op in oare manier nei harren hân sette kinne: lesûnderdielen kinne yn in oare folchoarder set wurde, weilitten wurde en se kinne ek selsmakke lesmateriaal of oare lesûnderdielen út de

mediateek fan *eduFrysk* tafoegje. It lesmateriaal dat dosinten sels ûntwikkele hawwe, kin sa ek op gruttere skaal mei oaren dield wurde. De metoademakkers hawwe gauris sok gaadlik dosintemateriaal opnommen as fêste ûnderdielen fan it *Searje 36*-oanbod. Foarbylden dêrfan binne de fragelisten dy't dosinten brûkten om de taalsituaasje fan harren learlingen yn kaart te bringen en selsmakke opdrachten foar vmbo-learlingen. Sa besjoen is *Searje 36* echt in metoade fôár en fán de dosinten Frysk wurden. De metoademakkers fan de Afûk en Cedin binne, as in soarte fan helpdesk, telefoanysk, fia de mail of fia Skype altyd beskikber foar de dosinten as sy fragen of opmerkingen hawwe of tsjin problemen oanrinne. Fierders geane de metoademakkers gauris nei skoallen ta om mei harren de praktyk te besjen. Begjinnende brûkers krije hoe dan ek besite fan de minsken fan Cedin om harren op wei te helpen. Yn dit ferbân is it ek noch belangryk om op te merken dat yn de *Searje 36*-konstruksjegroep sân minsken sitte en dat fiif fan harren as dosint Frysk sêls ek lesjouwe mei de digitale metoade. Ferbetterpuntsjes kinne dus hiel gau trochjûn en oppakt wurde. Fia in website (*lesjaan.frl*) en in twitterakkount (*FakFrysk*), dy't spesjaal foar it fuortset ûnderwiis makke binne, wurde de dosinten op de hichte holden oer alle ûntwikkelingen om *Searje 36* en it fak Frysk hinne. Fierders wurde brûkersgearkomsten organisearre, dêr't nije funksjonaliteiten fan it eduFrysk-systeem demonstrearre wurde en dêr't dosinten terjochte kinne mei harren fragen. Yn 2015 hat op 12 maaie sa'n brûkersgearkomste plakfûn yn Tresoar, dêr't alve dosinten oanwêzich wiene. Dêrneist hat de Afûk op it Fierder mei Frysk-kongres fan 18 novimber in bydrage levere oer *Searje 36* en de mooglikheden om te differinsjearjen mei digitaal lesmateriaal.

Om dosinten yn it fuortset ûnderwiis de mooglikheid te jaan om better differinsjearje te kinnen, is yn 2015 ek fierder wurke oan de module *Taalreis troch Europa* (wêrmei't learlingen yn eigen tempo en op harren eigen nivo op adaptive wize oan harren taalfeardeichheid wurkje kinne) én is in begjin makke mei in aparte vmbo-fariant fan *Searje 36* foar de, fakentiden minder 'talige', bb/kb-learlingen. Foar *Searje 36*-bb/kb binne yn 2015 tolve komplette lessen makke.

3.2.5. Middelber beropsûnderwiis

Yn gearwurking mei ROC Friese Poort en Cedin/Sintrum Meartaligens hat de Afûk lesmateriaal foar it Frysk makke foar de ROC's. Yn 2013 waard dúdlik dat dosinten en learlingen útsjogge nei lesmateriaal dat de eigen feardichheden fan learlingen fergruttet en oanslút by it fokabulêre fan de takomstige baan. Der soe foldwaande stof wêze moatte foar de oeren dy't dêrfoar steane en der moast in ferskaat oan didaktyske wurkfoarmen bean wurde. It soe ek takomstbestindich wêze moatte. Lesmateriaal dat oan dy betingsten foldocht, wie der noch net en soe gearstald en foarmjûn wurde moatte. Der moast dus in nij programma ûntwikkele wurde mei materiaal dat rjocht docht oan de 'toan', de wurdskat, it taalnivo en de belibblingswrâld fan de learlingen yn it mbû.

Der waard foar keazen om binnen de oplieding 'Zorg & Welzijn' in kurrikulum Frysk te ûntwikkeljen dat past yn it kultueredukaasjeprogramma fan de Friese Poort. Yn 2014 wie al wurke oan de fraach wat it kurrikulum wurde moatte soe en hokker ûnderwiiskundige winsken de dosinten en de opliedingsmanagers hiene oangeande didaktyk, differinsjaasje, spesifike skaaimerken fan de doelgroep, de learomjouwing en de materialen. Yn it ferfolch waard sjoen wêr't it Frysk krekt in plak krije koe yn de oplieding. It management fan ROC Friese Poort seach de measte kânsen binnen it foar harren nije programma 'Kultueredukaasje'. It is in lesperioade fan 20 wiken mei trije lessoeren yn 'e wike (in healjier

lang, sechstich lesieren yn totaal). Dat wurdt ôfsletten mei in kultuerwike wêryn't alle groepen datjinge wat se leard hawwe oan inoar presintearje. De útgongspunten fan it programma 'Kultueredukaasje' binne dat de studint sels aktyf wêze moat en aktyf wurkje moat oan de Fryske taal, op eigen nivo en op eigentiidske wize. Fierders moat de studint in ûndersykjende, observearjende hâlding hawwe wat kultuer oanbelanget en aktyf dielnimme oan kulturele aktiviteiten, bygelyks troch in foarstelling of in museum te besykjen. It programma foar it Frysk rjochtet him op trije ûnderdielen. Yn it foarste plak it ferbetterjen fan de eigen taalfeardichheid, twads it learen oer de Fryske kultuer en as lêste it neitinken oer de Fryske taal en kultuer yn relaasje mei it takomstich wurk. Yn it proses fan de útwurking fan it programma hat de Afûk hieltyd yntinsyf gearwurke mei de dosinten fan de Friese Poort. It programma bestie út tweintich lessen mei tema's lykas de skiednis fan Fryslân, it museumboanbod yn Fryslân, in resepteboek, libbensferhalen, Frysk yn it berop en folksferhalen. Foar alle lessen is in útwurking makke op trije nivo's en dus geskikt makke foar Frysk- en Nederlânsktaligen. Yn de lessen wurdt oandacht jûn oan de útlis fan de taalregels, mar der binne ek adaptive taalgames te finen om dêroan te wurkjen. Der binne in soad fideo's oer de Fryske kultuer opnommen en ynteraktive oefeningen, dy't automatysk neisjoen wurde troch it systeem. As ôfsluting fan it pakket kinne studinten in sertifikaat 'Frysk yn de eigen beropskontekst' helje. In tanommen oantal ROC's makke yn 2015 al gebrûk fan it lesmateriaal, wêrby't dielen fan it pakket troch de dosinten keazen wurde, ôfhinklik fan it ferlet en de tiid dy't foar it fak beskikber is.

Yn it skoaljier 2015 is fierder op inisjatyf fan ROC Friese Poort en yn gearwurking mei de Afûk, Cedin, de provinsje, Venturaplus en KeaRN (dus ek mei sektorpartijen) it kardiell ('keuzedeel') 'Fries in de beroepscontext' yntsjinne yn it ramt fan de nije 'kwalifikaatiedossiers'. Dat kardiell is begjin 2016 takend troch de SBB (Stifting Beropsûnderwiis Bedriuwslibben) yn opdracht fan it ministearje fan OCW. It Nordwin College en it Friesland College hawwe posityf reagearre op dy ûntwikkeling en sy wolle de mooglikheden ûndersykje om dat kardiell ek op te nimmen yn harren opliedingen.

Edukative games

Yn 2015 is fierder wurke oan twa edukative Frysktalige games: *Brief foar de Kening* en *Meunstertún*. De games drage by oan it learen fan en it wurkjen mei de Fryske taal. *Meunstertún* rjochtet him op de doelgroep fan bern tusken de 10-13 jier. Yn de game binne de spilers ferantwurdlik foar in soarte fan bistetún, mar dan mei meunsters. Dy meunsters hawwe allegearre winsken. Sa wolle sy boeken lêze, nei muzyk harkje of iten hawwe. As sy dat net krije, wurde sy ûntefreden. Dat is net goed foar it park, want dan komme der minder besikers. En dat is wol it doel fan de game: safolle mooglik besikers krije. De spiler kin ek nije meunsters ynsette en dat hinget dan ek wer ôf fan de besikers fan it park. Soms wolle sy reade meunsters sjen, dan wer meunsters mei stikels. Sa is de spiler dus net gau klear. It idee efter *Meunstertún* is dat de game ynset wurdt om oefeningen te meitsjen en sa te wurkjen oan it trainen fan feardichheden. Dat is faak folle aardiger en makliker as it wurkjen mei bygelyks wurkboeken. It jout ek de mooglikheid foar direkte feedback. Om iten of boeken te regeljen foar de meunsters of om in nij meunster ynsette te kinnen, moat de spiler taalgames spylje. Sa wurket de spiler dus oan de behearsking fan de Fryske taal. Dêr hawwe wy in struktuer foar útwurke om de spilers taalspultsjes dwaan te litten op de neikommende taalkundige gebieten: 'boartsje mei lûden & letters', 'boartsje mei wurden', 'boartsje mei sinnen' en 'boartsje mei skriuwen'.

Yn it foarjier fan 2015 is de game útprobearre troch bern fan basisskoalle 'De Grûnslach' yn Aldegea (Sm.). It wie hiel aardich om te sjen dat de bern hielendal gjin útlis nedich hiene om oan it wurk te kinnen. Ek oare bern, dy't net oan de pilot meidiene, fregen oft se it spultsje dwaan mochten. De antwurden op ús fragen makken dúdlik dat de bern de grutte linen fan it spultsje en de leardoelen snaptten, mar der wiene ek noch wat saken dy't nei oanlieding fan de pilot omtinken fregen. Op basis dêrfan is de game noch ferbettere en binne der letter noch updates kommen. Ek is der hurd wurke oan de ynhâld. Sa sit bygelyks al it materiaal fan de staveringsline fan *Studio F* no yn it spultsje. Dy en oare oefeningen kinne fia *eduFrysk* makke (en oanpast) wurde. Ek passe de oefeningen yn saneamde learlinen. Dy binne organisearre om de tema's hinne dy't hjirboppe neamd binne. Trochdat de game, neist it feit dat dy beskikber is as app, ek ûnderdiel foarmet fan *eduFrysk*, is it ienfâldich om de game in plak te jaan yn de nije metoaden.

In belangryk elemint yn de oanpak is dat gebrûk makke wurdt fan yntelliginte learlinen, saneamde adaptive learlinen. Dat hâldt yn dat it programma sjocht hoe fluch oft in learling/spiler troch bepaalde stof hinne giet en dêr dan de oefeningen op oanpast. As in learling muoite hat mei de g/ch-regel, dan kriget hy/sy mear oefeningen om dêroan te wurkjen. Mar as in learling dat al wit en tapasse kin, dan giet it programma fierder mei it folgjende ûnderdiel fan de learline. In dosint kin fia *Spoar 8* (de nije metoade foar it primêr ûnderwiis) folgje wat de learling docht en wêr't it misgiet. Hy kin dan ek noch ekstra stipe jaan.

Yn de edukative taalgame *Brief foar de Kening* stiet de útspraak fan it Frysk sintraal. Yn it spultsje kinne yndividuele spilers ien fan de twa keningen dy't oanspraak meitsje op Fryslân (Redbad en Karel) helpe. Se binne dan as adjudant ferantwurdlik foar it foarlêzen fan alle brieven dy't de kening kriget. De kening is âld en heart net mear sa'n soad, dus de útspraak fan de ynhâld fan de brieven moat wol yn oarder wêze. Gelokkich kin de adjudant (de spiler) ek saken oefenje en is der in soad útlis te finen oer de útspraak, want dat is noch net altyd sa ienfâldich yn it Frysk. Jongerein en folwoeksenen foarmje de doelgroepen foar dizze game.

De spilers fan de game kinne op anonime wize inoars taaluteringen beoardielje. Dat is in hiel fernijende oanpak, wêrby't spilers/taallearders op in boartlike wize en yn in feilige omjouwing wurkje kinne oan it ferbetterjen fan harren útspraak. Yn de edukative game *Brief foar de Kening* giet it derom dat de spiler oefenet mei it harkjen nei en it útsprekken fan de Fryske klanken. Foar in part fan de útspraak is dêrom ek in learplan ûntwikkele foar de ûnderdielen: koarte lûden, lange lûden, twalûden, trijelûden, brekking, bylûden, stomme bylûden en noaslûden.

By it spyljen moat de spiler brieven foarlêze oan de kening. In ûle bringt ek brieven fan oare adjudanten. Dy moat de spiler beoardielje, krekt as dat oare spilers de útspraak fan de spiler beoardielje moatte. Sa helpe spilers inoar mei it oefenjen en ferbetterjen fan de útspraak. De kening is net allinnich drok mei de post, mar hâldt ek fan taalspultsjes. Dus sa no en dan binne der ek fragen foar de spiler. Mei goeie antwurden wurket de spiler oan in hegere skoare. Dat docht de kening deugd en dêrmei helpt de spiler de kening yn syn striid.

De games binne opnommen yn de App-stores en fergees te downloaden. Mar dêr litte wy it net by. De games wurde ek ûnderdiel fan it oanbod fan de Afûk. *Meunstertún* is sa as al oanjûn opnommen yn *Spoar 8*, de nije metoade Frysk foar it primêr ûnderwiis, en yn de *Searje 36-ferzje* foar it vmbo. *Brief foar de Kening* wurdt oanbean oan de kursisten fan de Afûk as in ekstra middel om op in aardige wize te wurkjen oan de útspraak.

3.2.6. Evaluaasjesysteem Frysk-Grip: Learlingfolchsystem en metoade-ûnôfhinklike toetsing

Yn 2013 is in begjin makke mei it ûntwikkeljen fan ûnderdielen fan in evaluaasjesysteem Frysk. Om der wis fan te wêzen dat it ûntwikkele systeem goed oanslút by it ferlet fan it ûnderwiis wurkje learkrêften en dosinten út primêr en fuortset ûnderwiis yn Fryslân mei oan de ûntwikkeling fan de ferskillende ynstruminten. Yn juny 2014 hat de provinsje Fryslân stipe tasein oan it ûntwikkeljen fan in breed evaluaasjesysteem Fryske taal. Utgongspunt fan dat evaluaasjesysteem Frysk, mei de namme *Grip*, is dat skoallen foar primêr en fuortset ûnderwiis yn Fryslân fan 2016 ôf gebrûk meitsje kinne fan ferskillende ynstruminten om de taalûntwikkeling fan harren learlingen te folgjen.

It evaluaasjesysteem Frysk *Grip* jout skoallen yn it primêr en fuortset ûnderwiis yn Fryslân fan 2016 ôf de mooglikheid om gebrûk te meitsjen fan ferskillende ynstruminten om de taalûntwikkeling fan harren learlingen te folgjen. Yn 2015 is fierder wurke oan de folgjende ûnderdielen fan *Grip*:

- De toetsen *Begripend lêzen* mjitte by de learlingen it begripen fan Fryske teksten op harren eigen nivo. Der binne toetsen foar groep 5 p.û. oant en mei klasse 1 f.û. Alle jierren kin in toets ôfnommen wurde, wêrfan't de resultaten yn it folchsystem fan *Grip* komme. De toetsen wurde noarmearre ûnder learlingen yn Fryslân en jouwe ynsjoch yn wêr't de learling stiet op it mêd fan lêsbegryp. De toetsen binne digitaal en wurde automatysk troch de kompjûter neisjoen.
- De saneamde *Frisiatoets* is in digitaal ôf te nimmen toets dy't de taalkennis fan it Frysk op it mêd fan idioom, syntaksis, morfology en semantyk mjit. De toets wurdt brûkt om it taalkennisnivo fan learlingen fêst te stellen en kin brûkt wurde as ynstaptoets en as folchynstrumint.
- Mei de *Observaasje ynstruminten* kin de ûntwikkeling fan de mûnlinge taalfeardichheid en de skriuwfeardichheid fan learlingen folge wurde. Learkrêften kinne harren learlingen folgje op wei nei de 'folsleine' behearsking fan in sjenre yn in meartalige situaasje. Foar it p.û. giet it om ynstruminten foar sjenres lykas: in neifertelling, in oerlis-learpetear, in diskusje, in fraachpetear en in brief. Foar it f.û. giet it om sjenres lykas: in diskusje, in presintaasje, in mûnlinge redenaasje, in ferslach, in ynstruksje, in resinsje en in kranteberjocht.
- De *Metoadebûne evaluaasjes* foar it p.û. en de ûnderbou fan it f.û. binne ûnderdiel fan de learlinen en materialen fan de metoade(n) Frysk. It binne benammen formative evaluaasjes dy't geskikt binne foar op ûntwikkeling rjochte wurkjen, wêrby't de útkomsten fan de evaluaasjes learlingen en dosinten stypje en stjoere yn harren lear- en ûnderwiisproses. Foar de midden- en boppebou fan it p.û. kinne learlingen nei in einopdracht harrensels bygelyks evaluatearje op it mêd fan skriuwfeardichheid en it hâlden fan in presintaasje. Yn it f.û. beoardielje learlingen harren eigen skriuwfeardichheid.

Mear tradisjonele metoadetoetsen binne ûnderdiel fan it lespakket *Searje 36*. Foar it p.û. funksjonearje de opdrachten binnen de ynteraktive game *Meunstertún* fuortdaliks ek as evaluaasjeinstruminten. Ek de metoadebûne evaluaasjes binne yntegraal ûnderdiel fan it learlingfolchsystem, dat keppele wurdt oan de nije digitale learomjouwing en oan de metoaden.

- Binnen it *Learlingfolchsystem foar it Frysk (LVS)* wurde de learfoarderingen mei help fan de evaluaasjeútkomsten byholden. It learlingfolchsystem is boud op *eduFrysk*, it edukative platfoarm dat ek foar de nije digitale metoaden foar it p.û. en f.û. brûkt wurdt. It systeem kin sawol de metoadeôfhinklike as de metoadeûnôfhinklike data byhâlde; per learling, per klasse en per skoalle. It systeem jout de learaar en de learlingen ynformaasje oer de ûntwikkeling fan de learling en it trochsneed-resultaat fan in groep. Dat is relatearre oan it kurrikulum (rrF) en oan de domeinen (lykas praten en lêzen) en sjenres fan taalgebrûk (lykas in diskusje, in presintaasje, in folder). In digitaal portfolio makket ûnderdiel út fan *Grip*. It LVS is as module neist de metoade te brûken, mar kin ek los fan de metoade brûkt wurde.

De Afûk hat yn 2015 benammen ek in soad tiid stutsen yn it ûntwikkeljen fan digitale evaluaasjes en toetsen. Dêrby is goed de oansluting socht by it projekt Evaluaasjesysteem Frysk/Grip. Foar de metoademakkers hat it *referinsjeramt Frysk (rrF)* in tige wichtige útkomst fan it evaluaasjesysteemprojekt west. Yn it rrF wurdt nammentlik kearneftich beskreaun wat taallearders op de nivo's A1 oant en mei C1 kenne en kinne moatte wat de feardichheden Yn Petear, Harkjen, Sprekken, Lêzen en Skriuwen oanbelanget. Foar it ûntwerpen fan it les- en toetsmateriaal foar *Searje 36* foarme it rrF dus in belangryk dokumint, dat hâldfêst en rjochting joech. Dêrneist hat de goede gearwurking mei de kurrikulumeksperts fan it Evaluaasjesysteem Frysk derta laat dat yn 2015 de Frisiatoets én de Tekstbegryptoets (ûntwikkele troch it lektoraat 'Frysk en Meartaligens yn Underwiis en Opfieding' fan de NHL) ta fêste ûnderdielen fan *Searje 36* makke binne. De Frisiatoets wurdt yn de twadde les fan tema 1 en de tredde les fan tema 6 fan de lesserige oanbean. De Tekstbegryptoets sit no yn de tredde les fan it fjirde tema. Op dy wize hawwe wy in foarm fan standerdisearre, objektive en boppeskoalske toetsing yntegrearre, dy't it mooglik makket om resultaten fan learlingen op provinsjaal nivo mei-inoar te fergelykjen. Wat de toetsing oanbelanget is teffens in digitaal ôf te nimmen hark-/sjochtoets makke (de tredde les fan tema 5) én binne foar alle tema's tusken- en eintoetsen makke. Dy lêste rjochtsje harren benammen op taalfersoarging (wurdskat, idioom en grammatika), mar der sitte ek wolris lytse tekstbegrypûnderdieltsjes yn.

4. KULTUEROERDRACHT

Doel: Nij perspektyf biede foar it oanbod, de ôfset en de produksje fan Fryske literatuer en it lêzen fan Fryske literatuer stimulearje.

Aksjes:

- It útjaan fan Frysktalige boeken
- It partisipearjen yn de Stichting Boeken fan Fryslân oangeande de promoasje en ferkeap fan Fryske boeken
- It stimulearjen fan it oanskaffen en lêzen fan Frysktalige boeken yn it fuortset ûnderwiis
- It útjaan fan it algemien-kultureel opinyblêd *de Moanne*

Utjeften

De Afûk is útjouwer fan Fryske boeken en learmiddels foar de kursussen en it hiele ûnderwiisfjild. Njonken de reguliere útjeften foar de kursussen hawwe wy yn 2015 yn totaal 27 útjeften fersoarge, dêrfan acht berneboeken (ynklusyf printeboeken en strips), fiif útjeften mei literêre fiksje, trije mei non-fiksje en alve werprintingen.

Boeken fan Fryslân

Om de ferkeap fan Fryske boeken te stimulearjen hawwe de Fryske útjouwers yn 2010 it inisjatyf nommen om de Stichting Boeken fan Fryslân op te rjochtsjen. In wichtige reden dêrfoar wie ek it weifallen fan de sutelaksje fan It Fryske Boek. De útfiering fan de aktiviteiten fan Boeken fan Fryslân leit yn hannen fan de Afûk, mei alternative ferkeappunten, boekekisten foar skoallen en it Boek fan 'e moanne yn de boekhannels.

Lêsbefoarderingsprojekt Lês No: De deikoersen fan Remco. Yn 2014 waard de Afûk troch it Platfoarm Lêsbefoarding Fryslân frege om lesmateriaal te ûntwikkeljen foar in nij lêsbefoarderingsprojekt dat troch de Stichting Lezen subsidiearre wurdt. It doel is om de jongerein yn it earste jier fan it fuortset ûnderwiis in Frysk boek lêze te litten. De earste kear waard *Grutte Pier: Krús fan de Hollanner* fan Ate Grijpstra brûkt. Yn de winter fan 2015/2016 waard de yn opdracht skreaune útjefte *De deikoersen fan Remco* fan Bart Kingma ynset. De taryeding fan dy edysje waard dien yn 2015, de útfiering wie yn 2016. De measte skoallen binne fuort nei de krystfakânsje úteinset en hawwe seis wiken wurke oan it projekt. It projekt bestie út de folgjende produkten: in spesjaal foar it projekt skreaune novelle, in jeugdsearje fan Omrop Fryslân, in audio- en meilêsferzje fan niisneamde novelle, in seisdielige searje lessen mei oansprekkend lesmateriaal en in dosintehantlieding. By it projekt is sawol de searje besjoen as it boek lêzen. Sjoch ek www.omropfryslan.nl/skoaltv om de searje te besjen. De lesbrieffun gearre as 'spoarboekje'. Boek en searje hawwe elkoar fersterke. Uteinlik hawwe 2920 learlingen, ferdielt oer 123 klassen en 19 skoallen, meidien oan it projekt. De Afûk hat it (les)pakket opnommen yn *Searje 36*. De audioferzje fan it boek kaam ek beskikber yn it learplatfoarm *eduFrysk*.

Foarlêskampioenskip

Yn de Fryske Foarlêswike waard ek de finale fan it foarlêskampioenskip holden. Yn de grutte seal fan Tryater strieden bern fan alve skoallen om de titel Frysk Foarlêskampioen 2015. Uteinlik gie Ylse Barkmeijer fan basisskoalle 'OBS Akkrum' mei de titel nei hûs. Sy lies foar út

'In nije heit' fan Thys Wadman. De skoallen koene harren fan dit jier ôf foar it earst oanmelde fia in nije website. Op dy nije site binne neist in opjefteformulier ek nijsgjirrige titeltips, foarlêstips en eardere winners te finen. By de finale hiene de skoallen allegearre harren fans meinommen en de seal siet mei sa'n 140 minsken goed fol. De sjuery, dy't bestie út Sjoeke Faasse (NHL Hogeschool), Sietske Bloemhof (Tresoar) en Janny Bottema (Stichting It Fryske Berneboek), beoardiele de bern op toan, klam, kontakt mei it publyk, gebrûk fan de stim en fersteanberens. By binnenkomst en tusken de bedriuwen troch fersoargen de mannen fan Frets in daverjend optreden. Foar alle skoalkampioenen wie der oan 'e ein fan de middei in boekepakket. It foarlêskampioenskip wurdt organisearre yn gearwurking mei Bibliotheekservice Fryslân, Cedin, NHL, Stenden en wurdt koördinearre troch de Afûk en Tresoar.

de Moanne

De Afûk hat yn 2015 yn opdracht fan Stichting de Moanne sân útjeften fan it algemien-kulturele tydskrift *de Moanne* fersoarge. Nêst de papieren útjefte wurdt ek de website fan *de Moanne* aktyf ûnderhouden mei aktuele bydragen en is der ferskate kearen in Moanne-live jûn organisearre. Fierder waard in spesjale útstalling organisearre (yn 'e mande mei Tresoar), oer Kaspar Hauser en wie *de Moanne* aktyf op it UITfestival. *De Moanne* is fierder aktyf op Facebook en Twitter.

5. CULTURAL GOVERNANCE

De Afûk hat in bestjoer en in advysried. It bestjoer wol útfiering jaan oan de oanrekommandaasjes oangeande Cultural Governance. It hat dêr yn de ôfrûne jierren yn syn gearkomsten geregeldwei omtinken oan jûn.

Gearstalling bestjoer yn 2015

de hear Eric ter Keurs, foarsitter
mefrou Grytsje Durkstra, skriuwer
de hear Wybe Sierksma, skathâlder
mefrou Geesje Duursma, lid
mefrou Annigje Toering, lid

De Afûk hat gjin bestjoerders, tafersjochhâlders, direksjeleden of meiwurkers yn tsjinst dy't boppe de Fryslân-noarm fan € 144.000 bruto jiers beleanne wurde.

Gearstalling advysried yn 2015

Oerheid	de hear Jan Folkerts, gemeente Littenseradiel (foarsitter)
Bedriuwslibben	mefrou Gelkje Schotanus, Sonnema
Doarpswurk	de hear Tom Vellinga, Doarpswurk
Bestjoer	mefrou Pytsje de Graaf, wethâlder Dongeradiel
Soarch	de hear Frits Mostert, foarljochter MCL
Underwiis	de hear Wiebe Wieling, bestjoerder Piter Jelles
Toerisme	mefrou Hilda Boesjes, direkteur Ir. Woudagemaal
Media	de hear Joop Atsma, bestjoerder en âld-sjoernalist